

J.-B. Molière

De Krintekakker

Frije bewurking nei '**L'Avare**' ('De vrek') troch

Hans Brans

2014

© Hans Brans, 2014

Niets uit deze uitgave mag worden gekopieerd of opgevoerd zonder schriftelijk toestemming vooraf van de rechthebbende.

hans.brans@planet.nl

Voor opvoeringsrechten informeren bij:

Auteursrechtenbureau Stichting Bredero
Valeriaanstraat 13
1562 RP KROMMENIE
075-6409076
info@stichtingbredero.nl

Fryske tekst fan Tineke Hoekstra

Oer it ferhaal

Pokkelijn is in âld widner dy't syn dochter oan in rijk man úthoulike wol en syn soan oan in rike wido. Jild liket foar him wichtiger te wêzen as it houliksgelok fan syn bern. Mar sels soe dizze nepert noch wol mei in jong famke trouwe wolle. De dochter hat lykwols al kunde oan syn sekretaris, wylst syn soan ferliefd is op itselde earne famke dat in 'bemiddelaar' foar heit ornearre hat. Fia in rige misferstannen en dolkomyske situaasjes wurdt dúdlik hoe de saak yninoar stek en úteinlik rint it út op in konfrontaasje tusken heit en soan. Om't dy útfûn hat wêr dat heit syn jild bewarret, moat Pokkelijn belies jaan en bliuwt allinne achter.

'De Krintekakker' is in klassyke, âlde klucht, mei in lange rige fan dolkomyske situaasjes, dy 't hjir yn in nij jaske en in nije taal presentearre wurde.

Oer de bewurking

Molières stik 'L'Avare' ('De Frek' of 'De Nepert'), is as 'De Krintekakker' bewurke en op 'e nij skreaun troch Hans Brans. It doel fan de bewurking wie ûnder mear:

- De humor fan it stik yn in nij jaske te setten, sûnder de 17e ieuwske 'setting' fan it stik los te litten
- It tema 'jild' en 'hebsucht' te keppelje oan maatskiplike ferksynselen fan dizze tiid, lykas de finansjele krisis, konsumentisme, ensfh.
- It ferstjerren fan de mem, as oarsaak fan it gedrach fan de haadpersoan en de fersteurde famyljerelaasjes, mear nei foaren te heljen.
- Sjen litten dat de jongerein (benammen de soan en de feint fan de dochter) sels ek net mear sa suver en ûnskuldich binne tsjinoar de 'foute' heit.
- Mear de klam lizze op it kunstmjittige karakter fan it 'happy end', sa dat dúdlik wurdt dat it plaatsje fan de 'happy family' falks is, en dat de troch syn soan fernedere heit earder in iensume, tragyske figuer is, dy't de leafde misse moat.

NB

De namme Pokkelijn is in ferwizing nei Molière sels dy eins Jean-Baptiste Poquelin hjitte en dy sels de haadrol spile yn de earste 'L'avare'. In soart fan earbetoan dus yn dizze frije bewurking.

Tal spilers

'De Krintekakker' kin spile wurde mei in besetting tusken de tsien en fiiftsjin spilers.

Personaazjes

Haye Pokkelijn	<i>widner</i>
Eveline	<i>syn dochter</i>
Leo	<i>syn soan</i>
Evert	<i>partikulier sekretaris</i>
Sjaak de Kok	<i>koetsier, kok en hynsteslachter</i>
Flip Vlug	<i>sakefreon fan Leo</i>
Diederik Dagwaarde	<i>finansjeel makelder</i>
Madame Jaratelle	<i>makelder yn gelok</i>
Marianne	<i>in earm famke</i>
De hear Armani	<i>makelder yn maatpakken</i>
Ynspekteur	<i>fan plysje</i>
Jan	
Pyt	<i>oproprêften</i>
Klaas	
Klaske	

EARSTE BEDRIUW

Sêne 1

(De tún oan de achterkant fan it grutte hûs fan Haye Pokkelijn. Alles is grut, mar ek keal en sober: de blinen binne ticht, in rjochthoekige fiver en ergens in groepke hege konifearen. By de poarte lummelje fjouwer (tún)feinten anneks opropkrêften doelleas om: Jan, Pyt, Klaas en Klaske. Oan de oare kant fan it toaniel steane in stik as wat konifearen byinoar troppe yn potten. Dêrachter hearre wy it lûd fan in frijend pearke: Eveline en Evert)

EVELINE

O, Evert!

EVERT

O, Eveline!

EVELINE

O, Evert!

EVERT

O, Eveline!

EVELINE

O. O, o, o.

EVERT

O, O, o, o.

(It kreunen wurdt heftiger. De feinten hearre it, gnize en meitsje obsene gebearen. Se springe yn 'e hâlding as Master Sjaak nei bûten komt.)

MASTER SJAAK

Wêrom steane dy strûken dêr? Set se werom foardat menear it yn 'e gaten kriget.

KLASKE

Wy ha in nulkontrakt.

JAN

De sekretaris wol dat wy foar alles dat wy dogge earst in formulier ynfolje.

MASTER SJAAK

Regelje dat straks mar mei menear de sekretaris. Wêr is dy man?

PYT

O, wy witte wol wêr't hy is.

KLAAS

Ja, dy fine we wol.

KLASKE

Kom op jonges. No kinne we laitsje.

(De feinten rinne nei de konifearen ta en sette se ien foar ien ergens oars del. Evert en Eveline ha yntiid in hichtepunt berikt en as it publyk se sjen kin, lûkt Evert ûntspannen in blikje Red Bull iepen en begjint Eveline te snikken. De feinten dogge krekt oft se harren net sjogge.)

EVERT

Wat krije we no? Wêrom moast gûle? Sis it mar, leave skat. No bin ik krekt sa bliid datst 'ja' sein hast foar ivich en altyd en no dochst sa. Hjir is in skjinne bûsdoek. Do sjochst nei my as wie ik in soere appel dêr'st trochhinne bite moast. Ik snap it al. Do hast spyt. Ik ha it ferpest en ferknald en no is it út . Sis it dan.

EVELINE

Nee, nee, leave Evert, dêr giet it net om. Ik bin bliid datst der bist. Bliid mei alles datst foar my dien hast. Ik bin ek gek op dy. Ik soe net oars mear wolle. Mar ik bin bang.

EVERT

Bang? Ik bin der doch?

EVELINE

Bang foar ús heit. Foar alle ferwiten. Foar wat de minsken sizze sille. Wat soenen se sizze as se ús sa sjogge? De dochter fan Haye Pokkelijn is in slet, rabje se dan. Mar ik bin ek bang foar dy. Do bist in jonge en jonges binne manlju. En manlju kinst noait hielendal fertrouwe. Se belove dy fan alles, mar se wolle mar ien ding.

EVERT

Mar sa bin ik net. Ik hâld fan dy en dat sil altyd sa bliuwe. Werklik wier.

EVELINE

Dat sizze se allegear, ja.

EVERT

Mar ik mien it. Ik swar it. Op it grêf fan jim mem en dat fan ús heit. Earlik.

EVELINE

Doch net sa gek. Miskien is jim heit net iens dea. En foar my hoechst net te swarren. Ik wit datst fan my hâldst. Do hast my ommers rêden doe't ik yn it swimbad fan de dûkplanke foel. Do dûktest my achternei en do hast my mûle-op-mûlebeäzeming jûn op 'e râne fan it djippe bad.

EVERT

Tafallich wit ik wat it is om dy út it wetter te rêden.

EVELINE

Ik sil dyn brune eagen nea ferjitte doe't ik wer bykaam en yn dyn earms lei. En ik fûn it ek sa leaf datst my thúsbrocht hast achter op 'e fyts. En datst de oare deis by ús heit nei dat baantsje fan sekretaris sollisitearre hast.

EVERT

Ik hie leaver ergens oars sollisitearre. Mar ik hie driuwend ferlet fan wurk.

EVELINE

En do omdatst dan by my wêze koest. Ja doch?

EVERT

Seker. Evert heart by Eveline. Eveline heart by Evert. Dus wêrom bist dan bang? Tegearre kinne wy de hiele wrâld oan.

EVELINE

Ik bin bang foar de takomst. Foar wat oaren derfan fine, dy't dy net sa kenne as ik.

EVERT

Mar net ien sjocht wat wy mei-elkoar ha. (*Ynienen sjocht er dat iderien harren sjen kin, Eveline sjocht it ek.*) Wat hat dit te betsjutten?

KLASKE

Oarders fan Master Sjaak. Alles moat oan 'e kant.

JAN

Wolle jo hjir even tekenje? (*Hâldt him in formulier foar, Evert tekenet.*)

EVERT

Goed, mar dan prate jim net oer wat jim krekt sjoen ha.

PYT

Ik ha neat sjoen. Hasto wat sjoen?

KLAAS

(*Mei de eagen ticht, syn hannen taastend foar him út.*) Bisto dat Jan?

(*De wurklju rinne fuort mei de lêste konifearen.*)

KLASKE

Se sykje om jo menear.

EVERT

Jim heit fansels. Altyd wer jim heit.

EVELINE

Do moast besykje om yn in goed blêdsje te kommen by him. Wat moatte wy dwaan as hy it net goed fynt dat we trouwe?

EVERT

Dat doch ik al. Ik rin my de soallen ûnder de skuon wei. Praat him allegeduerigen nei de mûle. Hy kriget alles persys sa't er it ha wol en by alles wat er docht of seit priizgje ik him de himel yn. Mar hy is noait tefreden. It spyt my dat ik it sizze moat, mar jim heit is in seldsume egoïst. Hy is as de dea dat er bedondere wurde sil. Ik soe him wol ta raze wolle dat ik smoar bin op syn dochter.

EVELINE

Net dwaan!

EVERT

– mar earlik wêze is wol it lêste watst dy permittearje kinst as partikulier sekretaris.

EVELINE

Besykje de ynstimming fan myn broer te krijen! Hy stiet grif oan ús kant.

EVERT

Dyn broer en jim heit binne as wetter en fjoer. Se ha gauris spul. Kinst net moai waar spylje mei de iene en tagelyk ek mei de oare. Praat do no es mei dyn broer en besykje him oan ús kant te krijen. Miskien ha wy der letter foardiel fan. Mar fertel him net tefolle oer ús. Dan sil ik myn bêst dwaan om jim heit te bepraten. It komt goed. Ik moat no fuort. Dach sûkertûtsje. Do bist myn grutste skat. En op in dei nim ik myn skat mei út dit ferflokke hûs.

(Evert ôf)

Sêne 2

(Leo stekt de holle tusken de konifearen troch, dy't no op in oar plak steane. Hy sjocht om him hinne en sjocht dan in tryste Eveline sitten.)

LEO

Pssst. Suske! Bist allinnich? *(Eveline sjocht om har hinne.)* Ik bin wat fan slach. Ik moat dy wat fertelle, in geheimke.

EVELINE

Wat dan?

LEO

Net fjirder fertelle hin?

EVELINE

Wat dan?

LEO

Riedst it noait.

EVELINE

Wat dan? Wat dan?

LEO

Ik bin... – net tsjin heit sizze, hin?

EVELINE

Fereale.

LEO

Hoe witsto dat no?

EVELINE

It is de fjirde kear al dizze moanne.

LEO

It is no serieus. Echt bloedserieus. Dat witsto net. Do hast gjin flau idee hoe't it fielt ast echt, echt, echt oant yn it djipst fan dyn siel troch de wjerljocht troffen wurdst. Se is sá ferskriklik moai, sa bjusterbaarlik... leaf, knap, leuk. Do hast der gjin weet fan hoe't dat fielt, wat dat is, datst oant dyn teannen ta fereale bist.

EVELINE

O, nee?

LEO

Nee, dêr bisto fierste ferstannich foar.

EVELINE

O, tankewol.

LEO

Ik wol mei har trouwe. Myn hiele libben en alles wat ik ha wol ik mei har diele. It ienige punt is dat ik neat ha om te dielen. Ik ha allinnich mar in heit dy't deun is, dy't sûnt de dea fan ús mem tinkt dat hy de ienige op dizze wrâld is, dy't wit wat goed is foar syn bern en foar alle oaren op dizze wrâld. Dy't fynt dat je libje om jild te fertsjinjen en dat it jild der is om op te potsjen foar letter, ast ûnder de griene seadden leist. Froeger wie er al sa sunich, mar nei't mem ferstoarn is, is hy – nim my net kwea ôf dat ik it sis – in âlde krintekakker wurden, dy't der noch muoite mei hat om dy pear droege krinten fan him oan it rioel ôf te stean.

EVELINE

Sa kin 't wol ta.

LEO

Mar it is sa. Hy jout my net iens genôch bûsjild om in bûsdoek te keapjen om de noas te snuten. En doesto graach in boek op 'e jierdei ha woest, krigest in abonnemint op 'e biblioteek dat net mear jildich wie. En ús mar fertelle hoe't it moat. Datst wat dwaan moast om de kost te fertsjinjen en wat kostet dat wol net? En datst ynvestearje moast. Ik ha skjin my nocht.

EVELINE

Hoe hjit se?

LEO

Wat? Wa? O, ja. Allinnich har namme al, dy is as de moaiste muzyk. Alle famkes soenen sa hjitte moatte. Alhoewol, eins is der mar ien dy't dy namme fertsjinnet en dat is sy.

EVELINE

Wa?

LEO

Sy. Marianne.

EVELINE

Moaie namme.

LEO

Moaie namme? Dat klinkt doch as de prachtichste muzyk? Ma-ri-anne. Ma-ri-an-ne. Marianne. Fielst hoe't dat sweeft, hoe't dat sjongt, hoe't dat swingt. Mar dat snapsto net.

EVELINE

Nee, dat soart dingen snap ik net. En mei dy Marianne wolst trouwe?

LEO

Ja.

EVELINE

Wit sy it al?

LEO

Ja. Teminsten, ik ha... Sy hat it der oer...

EVELINE

Hast wol es mei har praat?

LEO

Jawis. Wat trochst dan? Oeren en oeren ha wy praat, mar eins hoege wy neat te sizzen, wy begripe elkoar sa ek wol. Wy hoege allinnich mar nei-elkoar te sjen en dan fleane de oeren om.

EVELINE

Goh, datst dat folhâlde kinst.

LEO

Dat snapsto net. Dêr bisto fierste nochter foar.

EVELINE

Nee, dat snap ik net. En wêr kenst har fan?

LEO

Ik seach har by de kassa fan de Albert Heijn. Se hie net genôch jild foar de boadskippen, dus dat ha ik doe foar har betelle en doe mocht ik har tas drage. Se wennet hjir flakby, tegearre mei har mem, yn dy âlde buert mei dy wenningen dy't tichtspikere binne. Se ha it net maklik hear. Se ha dy ramp mei dat cruiseskip meimakke, sechstjin en in heal jier lyn. Mar in pear minsken ha dat oerlibbe. Se binne alles kwytrekke. En as flechtling ha se nergens rjocht op. Dat rekket my djip. Ik wol sa graach wat dwaan om se te helpen. Op syn minst de hier in jier betelje of soargje dat se yn in fatsoenlik appartemint wenje kinne. Mar ja, WY swimme yn it jild, mar IK ha noch gjin neil om myn kont te klauwen, mei dy krintekakker. Ik ha in mantsje dy't wat dinkjes foar my regelet, dy freget der echt net folle foar, mar ik kin him mar amper betelje. Ik moat sels links en rjochts jild liene om der in bytsje fatsoenlik út te sjen. Dan moasto my es fertelle hoe't ik Marianne yn 'e goedichheid bewize moat dat ik fan har hâldt, as ik neat ha om út te jaan.

EVELINE

Ja, dat wurdt lestich.

LEO

Lestich? It is in kweuling, in ramp. Ik krij hast noait mear wat fan him, do ek net en sels pottet er alles op, om.. om... straks dea te gean as in rike stjonkert dy't de lêste tweintich

jier fan syn libben nergens mear fan genoaten hat. En 'dus' meie wy ek nergens fan genietsje. Mar dit moat doch foar ús de moaiste tiid fan ús libben wêze? Dêr ha wy doch rjocht op?

EVELINE

Ja, do hast gelyk. Ik kin 'm ek net mear útstean. Wienen wy de doar mar út. Wienen wy mar troud.

POKKELIJN

(Achter it toaniel klinkt in klap en in gjalp: au!) No ha ik dy! Wat moasto hjir, skoaier. Jou dy ôf!

LEO

Krekt. O, myn god, dêr komt er oan! Kom, wy moatte tegearre wat betinke om dy krint safier te krijen dat er ús gean lit. Hiest mar in rike keardel om mei te trouwen.

EVELINE

Ja, hie ik dy mar.
(allebeide ôf)

Sêne 3

(Pokkelijn lûkt Flip Vlug oan in ear it toaniel op.)

POKKELIJN

Wat moasto hjir? De boel hjir wat troch it gat sjen? Omsneupe? Koekeloere? Loere en ouwehoere? Wêr't de sinten ferstoppe binne, seker? Hoe hjitst? Wêr komst wei? Wa hat dy hjirhinne stjoerd? Wat dyngst dêr? Wêrom seist neat? Wêrom joust it net gewoan ta? Wêrom joust gjin antwurd? No? No? No?

VLUG

Omdat ik de kâns net krij.

POKKELIJN

De kâns net krij? Hokker kâns? Der is hjir gjin kâns. Gjin kâns om te loeren, gjin kâns om te jatten. Op 'e merke, dêr hast kânsen. No, hoe hjitst?

VLUG

Au! Au!

POKKELIJN

Au au? Is dat dyn namme? Hoe Lang is in Sinees? Fynst dat grappich? Avensearje, dyn namme en fluch.

VLUG

Vlug! Vlug!

POKKELIJN

Ja dat sis ik. Begrypst it wol? Moat ik de wurden derút lûke?

VLUG

Sa hjit ik. Au. Vlug, Flip Vlug.

(Pokkelijn lit him los.)

POKKELIJN
Hjitsto Vlug?

VLUG
Nee, sa hjit ús heit, no goed. En ik hjit Flip.

POKKELIJN
En wat docht Flip Vlug op it hiem fan de hear Haye Pokkelijn?

VLUG
Niks.

POKKELIJN
Doch dat dan ergens oars.

VLUG
Goed, goed, ik gean al. *(rint fuort)*

POKKELIJN
Hjir komme en fluch.

VLUG
Leave santjin.

POKKELIJN
Wêrom stiesto te lanterfantten op myn hiem?

VLUG
Ik wachtsje op jo soan. Menear.

POKKELIJN
Syn maten komme der by my net yn. Allegear lapswânzen en jildfergriemers.

VLUG
Der giet neat boppe in hertlike ûntfangst, fine jo ek net?

POKKELIJN
Ophoepelje, hjir wei. Do wachtetst mar bûten de poarte.

VLUG
Tige tank foar de hertlike ûntfangst. En noch in moaie dei. *(giet fuort)*

POKKELIJN
Hjir komme do en fluch.

VLUG
Leave sij, ik krij it hin' en wer fan dy man.

POKKELIJN

Do hast wat fan my stellen. Ik sjoch it oan dyn snút.

VLUG

Mei dy kop bin ik berne, menear.

POKKELIJN

Ik rûk in dief op hûndert meter. Jou op, fluch!

VLUG

Wat moat ik opjaan menear: myn betrekking, de ekstra ynkomsten, de btw – sis it mar.

POKKELIJN

Watst jatten hast, smoarge dief. Hannen omheech! Ik sil dy fûllearje.

VLUG

(Docht de hannen omheech.) Wolle jo cowboyke boartsje? Gesellich.

POKKELIJN

Oeral bûsen. Bûsen, bûsen en noch es bûsen. Dêr kinst in soad yn ferstopje.

VLUG

(wurd't kidele) Hi, hi, hi, ha, ha. Jo meitsje my oan it laitsjen. Ho, ho. Jo moatte in geweldige komyk wêze. *(Pokkelijn giet ûnfersteuerber troch. Ynienen:)* Au!

POKKELIJN

Wat is dat foar bulte yn dyn broek?

VLUG

Dat binne myn kroanjuwielen, menear.

POKKELIJN

Lit sjen!

VLUG

In komyk mei ûnderbroekelol. Jo binne ek nergens fiis fan, hê?
(Pokkelijn lûkt oan Vlug syn broek, loert deryn en stekt syn earm deryn.)
Jo kinne se liene, tsjin in lege rinte. Se binne farsk.

POKKELIJN

(Wiuwt mei de hân de stank fuort.)
Wêrom stiest hjir noch? Hjir wei! Fuort! Jou dy ôf, mars. En fluch, fluch.

VLUG

Ik flean al, it wie my tige nei't sin, menear. *(ôf)*

POKKELIJN

It rosmos dat hjir sûnt de krisis omhinget. Krekt no't ik dy ton oan kontant jild yn 'e hûs ha. As strontmiggen komme se der op ôf. Eins moat ik dat jild belizze. Moai dat ik dy ynvestearing no krekt mei in fette winst opstrike koe, mar de rinte is op dit stuit fierste min om it nei de bank te bringen. Dy ferrekte krisis. En dy deal dy't ik slute wol, is wol lukratyf, mar dy komt noch net fan 'e grûn. Dus no sit ik der moai mei, mei dy ton. Pinekop krij ik

der fan. Want wêr litst in ton sûnder dat ien der lucht fan kriget? Yn 'e kelder? Yn 'e tún?

Sêne 4

(Leo en Eveline binne stadichwei tichteby kaam.)

POKKELIJN
Steane jim dêr al lang?

EVELINE
Dach heit.

LEO
Middei heit. Moaie konifearen.

POKKELIJN
Stiene jim dêr al lang?

LEO
Wêr?

EVELINE
Nee hear, wy kamen der krekt oanrinnen.

POKKELIJN
Dus jimme ha neat heard?

LEO
Wat soenen wy heard ha moatte?

POKKELIJN
Neat.

EVELINE
Nee wy ha neat heard.

POKKELIJN
Dus ek net dat ik it hie oer...

LEO
Oer wat?

POKKELIJN
Oer niks... oer... de tún.

EVELINE
De tún?

POKKELIJN
Ja, oer in tonne yn 'e tún. Ik tocht in tonne yn 'e tún, dat is krekt wat. Sa'n houten tonne, foar it reinwetter, yn 'e tún. Wat fine jim derfan?

EVELINE

Sa'n reintonne setst doch ûnder de daksgoate?

LEO

Ik fyn in tonne yn 'e tún in geweldich idee, heit.

POKKELIJN

Moai. No't jim hjir doch binne...

EVELINE

Wy wolle graach even mei jo prate, heit.

POKKELIJN

Dat komt moai út, ik ek.

EVELINE

Oer it houlik.

POKKELIJN

Oer it houlik, sjoch es oan, ik ek. Do tochtst doch net dat ik mei in ton yn 'e tún hûnderttûzen dukaten bedoelde, hè Leo?

LEO

Nee, nee, nee, nee.

POKKELIJN

Dat soe oars wol wat wêze, hè, hûnderttûzen pyk yn 'e tún. Dy soenen wy goed brûke kinne, hè Leo?

LEO

Mwôh.

POKKELIJN

Tink dy es yn, hûnderttûzen. Dêr kinst wol in pear leuke dingen fan dwaan. Ik soe it wol witte. Mar ja da's fantasy hè? Wy ha it net. Wie it mar sa.

EVELINE

Heit, oer dat trouwen...

POKKELIJN

Ja famke, goed datst it seist. Heit hat der es goed oer neitocht en ik tink dat it mar wêze moat.

EVELINE

Echt wier?

POKKELIJN

Wês bliid dat wy net safolle jild ha jonge. Dêr komme allinnich mar dieven op ôf. Se snije dy tsjintwurdich de hals troch wêr'tst by stiest, om neat. Wês mar bliid dat wy net ryk binne.

LEO

Sa min hat heit it doch net?

POKKELIJN

Dat tinksto mar jonge, omdatsto jim heit syn soerfertsjinne jild oer de balke smytst. Do sjochst de wearde der net fan.

EVELINE

Heit...

LEO

Ik wit hiel goed wat jild wurdich is. Ik keapje gjin rotsoai.

POKKELIJN

Nee, do keapest iPhones en iPads en Levi en Lacoste en Rolex en Solex en Praha en Hola en Nikkie en Gucci. As der mar in námme op sit. En wa moat dat betelje?

LEO

Ik fertsjinje hjir en dêr ek wol es wat.

POKKELIJN

Ja, yn it kasino seker. Mei dy freonen fan dy.

LEO

Yn it kasino, ja. No en?

(Pokkelijn sjocht dat syn dochter gebearen makket nei Leo.)

POKKELIJN

Wat binne dat foar sinjalen? Moat der in fleantúch oan 'e grûn set wurde?

EVELINE

Dat houlik heit...

POKKELIJN

O ja. Dyn broer bringt my hielendal fan myn apropos. Wy hienen it oer trouwen...

EVELINE

Ik hie sa tocht...

POKKELIJN

(bestraffend) Ík hie sa tocht...

EVELINE

Mar miskien geane ús gefoelens doch in oare kant út as dy fan jo, heit. Wy meitsje ús dêr in bytsje soargen om. Dêrom hienen wy sa tocht...

POKKELIJN

Mar dêr hoechsto dy hielendal gjin soargen oer te meitsjen, berntsje. Sjoch, wy libje tsjintwurdich yn 1670, de tiid fan Loadewyk de Fjirtjinde, fan Molière en Lully. Parys is de kulturele haadstêd fan Europa! Wy binne hjir net yn Ljouwert. Fansels, der komme gefoelens nei boppe as it om de leafde giet. Dêr is neat oan te dwaan, dat snap ik bêst. Ik bin net achterlik. Gefoelens binne moai en it heart derby. It jout kleur en fleur oan it

bestean – al binne se faak hin' en wer as it waar. Mar dêr hearre jim my net oer. Trouwe, dat is hiel wat oars. Dat dochst foar dyn hiele libben. En yn dyn hiele libben kinst net fan 'e wyn libje en ek net fan de leafde. Dus dêrom hast âlders. Dy ha ûnderfining. Dy witte wêr't Abraham de moster hellet. Dy tinke derom datst net in kat yn 'e sek keapest en datst ferstannige beslissings nimst. Dat is no ien fan dy pear dingen dy't moslims ek goed begrepen ha. Dat it houlik in ferstannige kar wêze moat dy't op 'e lange termyn ek in goede ynvestearring is. Begrypst it?

EVELINE

Ja heit.

POKKELIJN

Tankewol. No, as jim my no even útprate litte, dan kin ik jim fertelle wat ik yn gedachten hie. Es even sjen, wêr sil ik begjinne? O ja. Leo. Kensto miskien ien of d'oare Marianne?

LEO

Jawol. Ja. Ja.

POKKELIJN

En do Eveline?

EVELINE

Ik ha wol es wat oer har heard, ja. Fia fia.

POKKELIJN

Sis es earlik jonge, wat fynst fan har?

LEO

No, se is tige oantr.. , tige sjarmant, tige..

POKKELIJN

Ek oantreklik?

LEO

Tige oantreklik, tige oantreklik.

POKKELIJN

Mar doch net allinnich har uterlik, hoopje ik?

LEO

O nee, inerlik noch folle mear. Se is leaf, guodlik, earlik.

POKKELIJN

En yntelligint?

LEO

Tige yntelligint. Se is slim, hat in soad lêzen, goed grutbrocht, sekuer, se hat styl, mei gefoel foar humor en foar ferhâldingen. En doch ek aardich, sympatyk, meilibjend, en begripend.

POKKELIJN

Sa te hearren meist har wol lije.

LEO
Seker, sûnder mis, absolut.

POKKELIJN
Do tinkst dat se net allinnich har man lokkich meitsje kin, mar dat sy ek in oanwinst foar de hiele famylje wêze kin?

LEO
Seker, sûnder mis, absolut.

POKKELIJN
Ik sjoch mar ien neidiel.

LEO
Seker... neidiel?

POKKELIJN
Se hat gjin jild. Har famylje is sa earm as in lús.

LEO
It giet net allinnich om jild heit, mar ek om it gelok yn dyn fierdere libben.

POKKELIJN
Nee Leo, dat moastst net sizze. Wy libje by eintsjebeslút yn 1670. Dan meist doch oannimme dat sa'n famke soks as in breidsskat meinimt.

LEO
Dêr betinke wy wol wat op, heit.

POKKELIJN
No goed. Ik bin bliid dat jim ek posityf tinke oer dat famke, want dan kin ik jim no wol sizze dat myn beslút hjirby fêst stiet. Marianne en ik sille meikoarten de lapen gearsmite.

LEO
De lapen gearsmite?

EVELINE
Wa heit?

POKKELIJN
Ik, fansels.

LEO
Mei Marianne?

POKKELIJN
Jawis mei Marianne. Dêr ha wy it doch oer?

LEO
Ik fiel my net goed. Ik moat hjir wei.

POKKELIJN

Nim mar in slokje wetter. Of doch de holle tusken de knibbels. (*Leo ôf*) Dan kostet it ek gjin wetter. Wat hat dy jonge ynienen? Dy knapen fan tsjintwurdich, suertsjes bin' it. Kin ik 'm net iens fertelle wa't ik foar him yn gedachten ha.

EVELINE

Wa ha jo dan foar him yn gedachten?

POKKELIJN

O, ien of d'oare widdofrou. Sjocht der noch goed út hear. Foar har leeftyd. Hat ek net folle jild, spitigernôch. Mar Leo moat doch in kear leare om mei in bytsje jild om te gean. En no't wy it oer learen ha; se sizze net foar neat: moast it leare...

EVELINE

Op in âld fyts.

POKKELIJN

Krekt. No berntsje, dan binne wy no oan dy ta.

EVELINE

Ik fiel my ek net goed.

POKKELIJN

Do bist nijsgjirrich, dat begryp ik wol. No, ik ha in treflike partij foar dy fûn.

EVELINE

Begjint syn namme mei in E?

POKKELIJN

Nee, mei in A.

EVELINE

Ah, ik fiel my net lekker.

POKKELIJN

It is in kreaze, sympatike, stabile en tige rike hear út Italië, de hear Armani.

EVELINE

Ik wol net.

POKKELIJN

Hy sjocht der prima út foar syn leeftyd, modern en strak yn 't pak Hy hat in lyts búkje, miskien in prúkje; soest sizze dat er fyftich is, mar hy rint al nei de sechstich.

EVELINE

Ik trou net.

POKKELIJN

Do troust net?

EVELINE

Net mei dy Armani.

POKKELIJN
Do troust mei dy Armani.

EVELINE
Net.

POKKELIJN
Wol.

EVELINE
Hoe't jo der ek oer tinke heit, ik trou net mei dy man.

POKKELIJN
Hoe't jo der ek oer tinke dochter, do troust wol mei dy man.

EVELINE
Ik trou net mei dy fint, never noait net.

POKKELIJN
Do troust wol mei dy fint. Jûn.

EVELINE
Wat sizze jo? Jûn?

POKKELIJN
Jûn, hjir op dit plak. Alles is al ôfpraat en regele. En wat seist dan? Tankewol heity.

EVELINE
Jo kinne my net twinge.

POKKELIJN
Ik kin dy wol twinge.

EVELINE
Ik meitsje my noch leaver fan kant.

POKKELIJN
Do makkest dy hielendal net fan kant. Do troust. De brutaliteit. Hast ea in dochter sjoen dy't sa tekear gie tsjin har heit?

EVELINE
Ha jo wol es in heit sjoen dy't it gelok fan syn dochter sa fersmiet?

POKKELIJN
Ik fersmyt neat. De hear Armani is in treflike partij. Dêr falt neat op oan te merken of op ôf te tingjen. Ik ha myn bêst foar dy dien en dat litsto net yn in hûndert rinne. Iderien sil it mei my iens wêze dat in famke as do har hannen tichtknipe mei, mei sa'n partij.

EVELINE
Iderien sil my gelyk jaan dat dit de minste beslissing is dy't in heit ea naam hat.

POKKELIJN

O ja? Wedzje dat ik gelyk ha? Wedzje? Wat bisto in dwerskop. *(hy sjocht Evert)* Evert, kom hjir. Hy moat mar sizze oft dit in ferstannige kar is of net.

EVELINE

Goed. Prima.

POKKELIJN

Dus do leist dy del by syn útspraak?

EVELINE

Ja, ik doch presys wat hy seit.

Sêne 5

POKKELIJN

Moai. Evert, myn dochter hjir en ik ha in lyts ferskil fan miening. Ik freegje dy as myn partikulier sekretaris om in folslein ûnôfhinklik, objektyf oardiel út te sprekken oer wa't gelyk hat.

EVERT

Jo fansels.

POKKELIJN

Moast earst net witte wêr't it oer giet?

EVERT

Nee. Ik twivelje der net oan oft jo gelyk ha.

POKKELIJN

Harkje no es even. Eveline wol trouwe en de doar út. Se wol in man dy't knap is, leaf, sympatyk, ferstannich en soarchsum.

EVERT

Dat snap ik.

POKKELIJN

Ik ha werklik oeral socht en ik ha presys sa'n man fûn.

EVELINE

Fan fiifentachtich.

POKKELIJN

Fan noch gjin fiifensechstich. En ek noch stjonkende ryk. Wat sizze jo derfan?

EVERT

Wat ik fyn? Ja, poeh, ik fyn... Lit ik earst sizze dat ik fyn dat jo folslein gelyk ha.

EVELINE

Wat seist no?

EVERT

Mar oan de oare kant hat jo dochter fansels ek wol in punt.

POKKELIJN

Hoesa? Hy is (*praat rap*) knap, leaf, sympatyk, ferstannich, soarchsum en stjonkende ryk. En gjin erfgenamten út syn earste houlik. Dus: gjin breidsskat. Wat wolst noch mear?

EVERT

Ja, dat is fansels tige belangryk. Mar je soenen fansels sizze kinne dat je fansels ek rekken hâlde moatte mei har gevoelens.

POKKELIJN

Mar sûnder breidsskat.

EVERT

Jawol, mar der binne ek minsken dy't sizze: se moatte inoar earst wat better kennen leare.

POKKELIJN

Mar sûnder breidsskat.

EVERT

Jawol, dat is fansels tige wichtich. Mar dit is wol in kar foar har fierdere libben. Dêr moat' je wol rekken mei hâlde.

POKKELIJN

Mar sûnder breidsskat.

EVERT

Fansels. Dat is sûnder mis de bottom line. Dêr falt neat tsjin yn te bringen. Hoewol't der ek minsken binne dy't bewoare dat in al te grut leeftydsferskil meastal funest is.

POKKELIJN

Mar sûnder breidsskat.

EVERT

Seker, dat is wol wis, sûnder breidsskat. Goed besjoen is dat it ienige dat werklik telt.

POKKELIJN

Presys. Eveline do hearst it. Is dat in hûn? Ik wol hjir gjin hûnen ha yn 'e tún. Wachtsje even, ik bin dalik werom. (*ôf*)

EVELINE

Wat mankeart dy. Hoe kinst no sa mei him meilulle?

EVERT

Dat moat wol. It is de ienige manier. Ast net mei him meilulst, hast it fuortdaalk bedoarn en dan kinst it wol ferjitte. Dat is taktyk. Sommige minsken binne no ienkear sa. Dy kinne der net oer dat se tsjinpraat wurde. Dy kinst allinnich krije wêr'st se ha wolst troch krekt salang mei se mei te lullen oant se úteinlik nei dy ta komme. Doch no mar krekt oftst it folslein iens bist mei har; dan hast in kânske dat se ier of let by dy komme.

EVELINE

Mar dat houlik dan? Dat is jûn!

EVERT

Wy betinke wol wat. Sis datst siik bist!

EVELINE

En as hy dan in dokter komme lit?

EVERT

Dan betinkst mar wat nuvers. Dat dyn hier sear docht ofsa.

EVELINE

Hy komt deroan.

EVERT

Wy moatte wat tiid rekke. As it net oars kin naaie wy tegearre út.

POKKELIJN

Dêr wie ik alwer. Niks te rêden gelokkich.

EVERT

In ferstannige dochter leit har del by it it oardiel fan in noch ferstanniger heit. Hielendal as der net in breidsskat betelle hoecht te wurden. Sa'n kâns kinst net rinne litte.

POKKELIJN

Sa mei 'k it hearre. Wat in mazzel datsto foar my wurkest. Eveline, tenei dochst presys wat Evert seit. Begrepen? (*Eveline lilik ôf.*) Eveline!!

EVERT

Lit it mar oan my oer menear. Ik praat wol even mei har.

POKKELIJN

Bedjer har mar in bytsje, dan draait se wol by. Ik gean no nei de stêd; ik moat noch in pear dingen regelje.

EVERT

Jo kinne op my rekkenje menear.

TWADDE BEDRIUW

Sêne 1

(Vlug bestrúnt de opropkrêften by de poart. As Leo opkomt, komt er pas foar 't ljocht.)

LEO

Wêr wiest no? Ik ha oeren om dy socht.

VLUG

Jo heit hat my derút smiten. Ik moast bûten de poarte wachtsje. Wat in krús, dy man. Is hy der noch?

LEO

Wy ha it no net oer ús heit, ja? Witst al wat mear oer dy liening? Ik bin noch hastiger as juster, want ik ha der in konkurrint by. Do wolst it net leauwe: ús heit!

VLUG

Jo heit!?

LEO

Ik wol it net oer him ha, ja?

VLUG

Is de âldhear fereale?

LEO

Ik wol it der net oer ha, ja? Ik koe my al hast net ynhâlde doe't er it fertelde. Hy wol mei har trouwe, kinst it dy yntinke?

VLUG

Dy âlde, stikeme, fize, geile bok! Dat knabbelet en gnabbelet oan de griene blêdsjes dêr't jo net by komme kin.

LEO

IK SEI WY PRATE DER NET MEAR OER, JA?

VLUG

Sorry. Jo begonge der sels oer.

LEO

Ja, omdat it my swart foar de eagen wurdt, as ik der allinnich mar oan tink.

VLUG

Kin ik my yntinke. Ast dêr oan tinkst... Hoe't dy âlde frouljusgek aanst mei krukken en pompkes en pillen de flage yn 'e mêst hiset om de striid oan te gean yn de meast tryste en traache slach dy't ea op it fjild fan de lusten striden is, no dan hast iten en dronken tagelyk.

LEO

Asjeblyft Vlug – litte-wy-it-der-net-mear-oer-ha.

VLUG

Goed. Prima. *(even stil)* Moai waar hjoed. It lûkt in bytsje fochtich op.

LEO

(traach) Vlug. Ta de saak. Kin ik jild liene?

VLUG

Wat net kin. Om mei de bysluter te beginnen: jild liene kostet jild. En der is neat djoerder as jild, dat kin ik jo wol fertelle. Jild kostet djoer en is folle. Of oarsom, mar it komt op itselde del.

LEO

Kin ik liene, ja of nee?

VLUG

Gjin probleem, neffens de tuskenpersoan dy't ik fûn ha. Hjir is syn kaartsje.

(Op 'e achtergrûn drage Jan, Pyt, Klaas en Klaske, it letter in bylage 2 neamde guod nei bûten. Leo en Flip Vlug sjogge harren net.)

LEO

(lêst kaartsje) 'Diederik Dagwaarde. Finansjeel makelder en taksateur.' Djoere menear seker?

VLUG

Falt ta, hy freget mar 5% provisy boppe op 'e rinte.

LEO

Dan sil de rinte wol tige heech wêze.

VLUG

Falt ta. De rinte op de haadsom is 7% mei in lientiid fan in jier.

LEO

Oer fyftjintûzen dukaten? Dat falt yndied mei. Wa is it? Hat dy tuskenpersoan dy oan him foarsteld?

VLUG

Wat tochtst, sa maklik giet dat net. Dy man is noch folle banger as jo om him bekend te meitsjen. Do hast der gjin idee fan hoe geheimsinnich it der oan ta giet. Atst it der mei iens bist, wurdt der in ôfspraak makke op in ûnbekende lokaasje. Dêr moast útlizze hoe'st boarch stiest foar it bedrach en dan wurdt it kontrakt op it plak sels tekene en krigest it jild yn in kofferke mei. Krekt as yn de film.

LEO

Ik bin de soan fan Haye Pokkelijn, dy namme moat genôch garânsje jaan.

VLUG

Dat tocht ik ek.

LEO

No dan moatte wy it mar dwaan. Wannear kin ik it jild ophelje?

VLUG

Der binne lykwols noch wol in pear oanfoljende betingsten dy't de jildsjitter opsteld hat. Miskien goed dat wy dy noch even trochnimme?

LEO

O. Okee.

VLUG

Ik lês it even foar: "Aangezien geldverstrekker genoemd onder lid 1, sub b. genoodzaakt is de gevraagde som geld te supplementeren uit in emissie fan participatiekapitaal van niet nader genoemde derden, is lener, genoemd onder lid 1 sub a., verplicht de verschuldigde maandelijkse rentesom fan 5,1 % te augmenteren mei de kosten dy voortvloeien uit de emissie van de niet nader genoemde derden, zijnde 32,2 %."

LEO

Wat? Mei-inoar is dat mear as 37%. Wat in ôfsetter!

VLUG

Ik sei it al: jild is net te beteljen foar wa't it net hat.

LEO

Ik stean mei de rêch tsjin de muorre. Ik moat dat jild ha. Hy hat my gewoan yn 'e skjirre. Dan is it mar sa. Ik tekenje.

VLUG

Net sa hastich. Der is nòch in oanfoljende betingst.

LEO

Noch ien?

VLUG

"Van de overeengekomen somma van vijftienduizend dukaten zal tweederde, te weten tienduizend dukaten, onmiddellijk bij het overeen komen fan de notariële akte in baar geld aan lener ter hand worden gesteld."

LEO

Twatredde?

VLUG

"Een derde fan de waarde fan de overeengekomen hoofdsom ad vijfduizend dukaten zal onmiddellijk bij het tekenen fan de notariële akte ter hand worden gesteld in natura, te weten in roerende goederen."

LEO

Natura? Roerende goederen? Wat is dit?

VLUG

"Sjoch de spesifisearre list yn bylage 2." Even sjen. Hjir ha ik it.

"Bylage 2. In himelbêd mei fjouwer draaide poaten en twa matrassen dy't in bytsje trochlein binne. Twa tafellekkens, ién fan damast en de oare net. In antike lampetkanne út de tiid fan Molière mei mar ien barst. In wandkleed, dat in pornografysk herderstafriel

foarstelle moat út de klassike âldheid (hat noait yn it sinneljocht hong!). Seis kroanluchters mei kristallen kroanstientsjes, made in China.” Kroanstientjes...? “Fierders in bureau, in crapaud, in lits-jumeaux, in plumeau en **noch** in po.” Uh? O.. “en noch in **po**.” ‘Fierders in dressoir, in boudoir, in urinoir, in troitoir en in abattoir, allegear op skaal neimakke mei lusiferhoutsjes. Plus in 78-toereplaat mei "Parlez moi d'amour', hielendal politoerd en ynlein mei parlemoer.' Uh..? ‘Fierder in komplette kryststâl, werfan allinne kening Balthazar in bytjse skeind is (de holle is der ôf).”

LEO

Wat moat ik mei dy troep?

VLUG

Wachtsje even. Wy binne der hast. “In jierdeikalinder (*slaat de blêdside om*) fan de Chinees. In prachtich skilderij fan in zigeunerfamke mei twa triennen. En noch ien, mei twa sproeten. En noch ien, mei twa boarsten. Plus in skeurkalender fan ferline jier, wer dat noch mear as de helte fan de blêdsjes op sit. En as lêste: in kûpon foar in gratis relaxwykein foar twa persoanen, op te heljen by de Poiesz nei it ynleverjen fan fjirtjin sparkaarten en it bybeteljen fan hûndert euro per persoan. Ynklusief fjirtjin sparkaarten fan de Poiesz, wêrfan ién sawat fol.”

LEO

Dêr soest doch knettergek fan wurde? Wat in smjunt, wat in woekerder, wat in bloedsûger. Behalve in absurd hege rinte, smart er my ek noch syn komplette rommelsouder oan. As ik dy rotsoai op Marktplaats.nl ferkeapje wol krij ik der noch gjin fjirde part foar, fan wat hy der foar rekkenet.

VLUG

Jo hoeche it net te dwaan.

LEO

Ik kin net oars. Ik moat dat jild ha. It is klearebare sjantaazje. En dat allinnich omdat ik in heit ha dy't te deun is om de neils fan syn teannen te knippen.

VLUG

Ik fyn it sneu foar jo. Persoanlik sil ik my noait ynlitte mei saakjes dy't troch de wet ferbean binne – de kâns datst snipt wurdst is my te grut – mar dy man freget der om om oanpakt te wurden.

LEO

Flip, do wurdst betanke. Gean no mar gau foardat ús heit weromkomt.

(Vlug jout him de hân en wol fuortgean)

VLUG

Leave sij, dêr komt er krekt oan. Fluch, hy hoecht my hjir net te sjen.

(hy ferskûlet him achter de rêch fan Leo.)

Sêne 2

DAGWAARDE

It giet om in jongkeardel fan goede komôf, dy't driuwend ferlet fan jild hat foar saken. Hy sil jo kondysjes wol akseptearje moatte.

POKKELIJN

Mar binne jo der wis fan dat ik gjin risiko rin, menear Dagwaarde? Witte jo syn namme? Komt er út in famylje mei jild?

DAGWAARDE

Ik ken him net persoanlik, mar de tuskenpersoan dêr't ik kontakt mei ha, bewear dat er út in tige begoedige famylje komt. De mem is koartlyn ferstoarn en de heit is, neffens him, sa min dat er allinnich syn eutanasyferklearring noch tekenje moat.

POKKELIJN

Dat is moai. Wy moatte ús neisten de helpende hân tastekke wêr mooglik.

VLUG

Dat is 'm. Dagwaarde, dêr!

LEO

Do hast my doch net ferret hê?

DAGWAARDE

Sjoch es oan, menear Vlug. Dêr binne jo alwer! (*tsjin Pokkelijn*) Ik ha jo namme en adres net neamd menear. Dit is klearebare tafal. Mei ik jo yn 'e kunde bringe mei de hear Vlug, de kontaktpersoan fan dejinge dy't liene wol. Jo witte wol, de persoan dy't tinkt dat syn heit elk momint it tydlike mei it ivige ferwikselje kin. Dan binne jo grif de liener? Tige nei 't sin. No't wy hjir doch binne kinne wy wol sizze dat dit in treflike gearrin fan omstannichheden is, net wier? Sille we dan dalik mar ta de saak komme?

POKKELIJN

(*tsjin Leo*) Hâldsto dy mei sokke smoarge saakjes dwaande? Skoft datst biste.

DAGWAARDE

Pardon?

LEO

(*tsjin Pokkelijn*) No sjoch ik hoest mei dy walchlike hannel oan dyn saneamde soer fertsjinne sinten komst. Smoarge bloedsûger.

(*Vlug makket dat er fuortkomt*)

POKKELIJN

Wolst jim heit kapot meitsje troch soksoartige lieningen ôf te sluten?

LEO

Wolsto dyn soan kapot meitsje troch him soksoartige lieningen oan te smarren?

DAGWAARDE

Hearen, hearen...

POKKELIJN

Ik soe dy ûnder tafersjoch sette litte moatte.

LEO

Se soenen dy opslute moatte.

DAGWAARDE

Hearen, hearen....

POKKELIJN

Ik skras dy út myn testamint.

LEO

Ik ferachtsje jo.

DIEDERIK

Hearen, hearen... Dit giet my neat oan. Noch in goede middei.

POKKELIJN

Do fergriemst it jild dêr't dyn heit en mem foar wrotten ha. Do smytst alles oer de balke dêr't sy sa hurd foar arbeide ha. Do bist in skande ta de neitins fan jim mem.

LEO

Jo binne in skande op de namme Pokkelijn. Jo sjantearje minsken, jo sûchje se út. Jo profitearje fan de ellinde fan earne stakkers, allinnich mar omdat jo altyd mar mear, mear, mear ha wolle.

POKKELIJN

Ik wol dy net mear sjen ellindeling!

LEO

Graach, útsûger.

POKKELIJN

Opdonderje! Oars barre der ûngelokken.

LEO

Ik gean al, stik ûngelok.

POKKELIJN

(himet) Goed. It is goed dat dit sa gien is. Echt goed. No wit ik teminste wêr't er mei dwaande is. Hie ik it mar earder sjoen.

Sêne 3

MADAME JARRETELLE

Ahum. Monsieur Poquelin?

POKKELIJN

O, jo binne der al. Nim my net kwea ôf. Ik moat even hiel noadich... Ik kom dalik werom, momint *(ôf)*

VLUG

(folget Pokkelijn in eintsje) Aha. Dus. Ja, ja. Op dy fyts.

MADAME JARRETELLE

Wat sjoch ik no? Flip Vlug. Oan it strunen?

VLUG

Hoe is 't mooglik, Kaatje Koppelaar.

MADAME JARRETELLE

Myn namme is tsjintwurdich Madame Jarretelle, ek foar dy Flip. Fan datingburo Jarretelle Pour Lui et Pour Elle.

VLUG

Dat is noch es wat oars as in hoerekast.

MADAME JARRETELLE

Ik ha myn bedriuw upgrade. Tsjintwurdich sit ik yn 'e escort en eroatysk advys en bemiddeling. Ik bin makelder yn gelok. Ik meitsje my nuttich foar de mienskip.

VLUG

O. En skoot dy sosjale helpferliening noch wat?

MADAME JARRETELLE

Ik mei net kleie.

VLUG

Mar hjir is neat te heljen hear!

MADAME JARRETELLE

Wêrom net? Menear wol wat. Ik ha wat. Wa't wat wol, betellet wol.

VLUG

Hy en betelje. Ik warskôgje dy mar fêst: jild is hjir net te keap.

MADAME JARRETELLE

Oan dyn toverstokje sit miskien noch wat sjerp, jonge, mar dy fan him hat ferlet fan wat glidersguod. Dat skoot altyd.

VLUG

Dan kensto Haye Pokkelijn net. Dy jout dy net iens de hân. Hy is bang dat er 'm net weromkrije sil. Betelje is hjir ienrjochtingsferkear. Hy sil dy o sa tankber wêze foar dyn tsjinsten, mar ûnkostefergoedingen wurde pas betelle yn in folgjend libben.

MADAME JARRETELLE

Dan kensto my noch net. Ik wit hoe'tst manlju útklaaie moast. Ik ken harren gevoelige plakjes en as ik dy kidelje komt der fansels in lek yn harren portefúlje.

VLUG

Syn iennichste gevoelige plak is it idee dat er syn jild ôfstean moat. Fierders is hy krekt sa gevoelig as in blok beton. Mar goed, sterkte mei kideljen Kaatje, ik gean fuort, want ik bin noch minder populêr hjirre as dy. (ôf)

MADAME JARRETELLE

Komst noch es del om myn skoarstientsje te reagjen, Flip?
(yn harsels) Dy kin fan my noch wat leare.

Sêne 4

POKKELIJN

(Knopet syn broek fêst mei in eintsje tou.) Hè, hè. Dat is der út. Soms moat' je in fear litte.

MADAME JARRETELLE

Nim my net kwea ôf, jongeman. Mar ik hie in ôfspraak mei de hear Pokkelijn senior.

POKKELIJN

Pardon?

MADAME JARRETELLE

Ja, mei de baas sels. Wêr is er?

POKKELIJN

Ik bin de baas sels.

MADAME JARRETELLE

Is 't wier?

POKKELIJN

Fan boppe ta ûnder.

MADAME JARRETELLE

Serius? Hoe is 't mooglik? Ik hie it net sjoen. Jo sjogge der ek sa jong út, sa fleurich fris en fruitich.

POKKELIJN

Miene jo dat? Ik rin oars al tsjin de sechstich hear. Santich eins.

MADAME JARRETELLE

Hoe is it mooglik. Ik hie jo noch net iens op fjirtich. Jo binne gewoan in medysk wûnder. Jo lichem is goed yn kondysje, jo ha in sûne kleur en jo binne sa linich, wat dogge jo dêrfoar?

POKKELIJN

Ik bin in beskieden iter.

MADAME JARRETELLE

Jo binne hielendal beskieden. Dêr falle froulju op, wisten jo dat? Fan dy manlike manlju, mei in krêftige útstrieling, dy't net rinne te swetsen en net te keap rinne mei harren liif, lykas dy jonge broekjes fan tsjintwurdich. Manlju dêr't in natuerlike rêst en autoriteit fan út giet. Dat ha jo allegear.

POKKELIJN

Gôh, dat wist ik net.

MADAME JARRETELLE

Dêrom wurket it ek. Froulju fiele dat automatysk. Dy sykje net om sa'n jonge hoanne, sa'n opskepperke dy't allinnich syn jonge hear achternei rint. Dy wolle harren hielendal jaan oan in echte man, in man dy't harren beskermet, dy't waarmte jout, fêstichheid, neiteam. Posearje jo wol es?

POKKELIJN

Nee.

MADAME JARRETELLE

Lit es sjen. Ja, benammen 'en profile' ha jo hast in klassike útstrieling. Jo kinne dat sels net sjen yn 'e spegel, mar ik sjoch it wol en ik kin it witte. Dy flinke foarm fan de kaak, dy skerpe noas, dy kordate mar ek sensuele lippen, dy manlike adamsappel, dat lytse búkje dat tsjûget fan it goede libben en 'joie de vivre'....

POKKELIJN

Da's moai om te hearen, tankewol. Mar no even ta de saak. Hoe stiet it mei ús... saak. Wurdt it noch wat?

MADAME JARRETELLE

Wurdt it noch wat? By buro Jarretelle Pour Lui et Pour Elle jouwe wy 100% garânsje om te slagjen. As ik my ergens foar ynset, dan wit ik dat ik slagje. Dêrom doar ik myn klanten mei in gerêst hert om in oanbetelling te freegjen...

POKKELIJN

O ja. Is de saak dan al rûn?

MADAME JARRETELLE

Sjoch. Marianne is fansels noch minderjierrich. En hoewol't se yn 1670 net sa swier tilden oan seks mei minderjierrigen, moatte wy doch rekken hâlde mei âlderlik gesach ensa.

POKKELIJN

Jawis. Alderlik gesach is tige wichtich. Mar is it rûn?

MADAME JARRETELLE

Dus ik ha net nei de kosten of nei it wurk sjoen, benammen net nei de kosten, om it iens te wurden mei de mem fan it famke.

POKKELIJN

En?

MADAME JARRETELLE

Dat is bûtengewoan goed slagge. Ik ha har ferteld wat der troch jo hinne giet as jo har dochter rinnen sjogge, hokker man jo binne, oer jo posysje yn 'e wrâld, ensafuorthinne. En doe gie se akkoart.

POKKELIJN

Moai. Dus de akte kin tekene wurde? Kin dat jûn?

MADAME JARRETELLE

Dat kin.

POKKELIJN

Ik moat dy menear Armani jûn doch in diner oanbiede yn ferbân mei de ferloving fan myn dochter...

MADAME JARRETELLE

Ha jo de faktuer foar dy bemiddeling al betelle..?

POKELIJN

... dus dan kin ik foar itselde jild fuortdaalk myn ferloving mei Marianne ek wol bekend meitsje.

MADAME JARRETELLE

Ik ha it famke wol beloofd dat se earst mei jo dochter nei de merke mei. Jo begripe: jonge fammen... Straks binne se troud en dan kin it net mear. Ik nim oan dat se dêr yn jo koets hinne brocht wurde kinne? It is by einbeslút 1670.

POKKELIJN

O. No dan moat dat mar. Mar no even wat oars...

MADAME JARRETELLE

Dy oanbetelling...

POKKELIJN

De oanbetelling fan de breidsskat, ja. Ha jo it dêr noch mei har mem oer hân? Wy libje by einbeslút yn 1670, sa't jo al seinen, en dan kin it doch net sa wêze dat se it famke trouwe lit sûnder in breidsskat? Se sil doch in bytsje oer de brêge komme moatte?

MADAME JARRETELLE

Jawis. Dêr ha wy it oer hân. Jo witte dat de mem net folle hat. Mar nei goed beried binne wy ta de konklúzje kaam dat it famke op termyn in breidsskat fan tsientûzen dukaten ynbringe kin.

POKKELIJN

Tsientûzen? Dat falt my noch net iens ôf.

MADAME JARRETELLE

Sjoch. Hoewol't it bern út in goed laach komt, is se sober grutbrocht. Gjinn kola of breezers, gjinn lekkere dingen tuskentoch, se helle gjinn pizza's, kriget net djoere fruchtedrankjes of oare liflafjes. Gewoan wetter en bôle en sa no en dan in biologysk bledsje sla. Dat skeelt allinnich op jierbasis al twa en in healtûzen. In jûntsje op stap: hoecht net foar har. Dat is trijetûzen op jierbasis. Klean: allinnich fan de kringloop en dan sels ferstelle. Dat is folle kreativer en skeelt op jierbasis oardeltûzen. Dat is mei-inoar al sântûzen. Tel dêr noch by op dat se neat oan elektroanika útjout, gjinn mobyltsjes, laptops, ensafuorthinne – want dat hiest anno 1670 net, no? As ik dat rûchwei op trijetûzen skat, dan kom ik út op minstens tsientûzen en dat dan yn 't jier hê?

POKKELIJN

Mar dat jild sjoch ik doch net? Dat krij ik doch net yn 'e hannen?

MADAME JARRETELLE

Mar dat sjogge jo straks wol op jo rekken werom. Dat skeelt minstens trije nullen foar de komma, yn 't jier! Jo wurde sliependewei ryk, as jo dat noch net binne.

POKKELIJN

Ik bin net ryk en ik sliep ek net.

MADAME JARRETELLE

Jo wurde der wol better fan. It ienige dat jo dwaan moatte is even dy faktuer en dy oanbetelling...

POKKELIJN

Ja, ja, ja. Der is noch ien ding dêr't ik my noch wol in bytsje soargen om meitsje.

MADAME JARRETELLE

Ik oer twa, dus dan falt ien wol ta.

POKKELIJN

Se is doch wol in bytsje oan de jonge kant. Mei myn ferstoarne frou skeelde ik ek tsien jier, mar dit is... hoefolle?

MADAME JARRETELLE

Dat binne doch allegear foaroadielen. Je binne sa âld as je je fiele.

POKKELIJN

Mar sy dan? Wolle dy jonge dingen net leaver mei guon fan harren eigen leeftyd...?

MADAME JARRETELLE

Sy net. Wat moat sa'n bern mei sa'n broekje? Ik ha har es besjoen en ik bin der wis fan dat sy just op in ripe, âldere man falt. In man dy't wit wat er docht, mei in útsprutsen geastlik oerwicht, sis mar gerust in man as in heit.

POKKELIJN

In man as in heit? Ja, dat bin ik wol.

MADAME JARRETELLE

As jo dy rekkens dan no even betelje, dan soargje ik derfoar dat alles jûn perfekt ferrinne sil.

POKKELIJN

Goed. Ik sil soargje dat de koets klear stiet en dat der jûn in miel iten is. Oant jûn.

MADAME JARRETELLE

Ferjitte jo dy rekkens dan net?

POKKELIJN

Nee, nee. Hoe let is it? Ah, myn boekhâlder is krekt nei hûs. Wykein, hè. Mar ik sil der foar soargje dat it nije wike yn behandeling naam wurdt. Oant jûn dan. Ik moat no driuwend fuort. (*ôf*)

MADAME JARRETELLE

Aargh! Grrr. Je soenen je eigen hoed opfrette. Wat in ferskriklike, skrale, útdroege, útseane krintekakker. Bah!

(*Se rint hastich fuort.*)

TREDDE BEDRIUW

Sêne 1

(Achter in rychje konifearen besiket Pokkelijn kreunend syn behoefte te dwaan. Under lieding fan Sjaak de Kok binne Jan, Pyt en Klaas dwaande mei it nei binnen sjouwen fan in grutte iterstafel, stuollen en itersark. Dan jout Sjaak oanwizingen om de konifearen op in oar plak te setten. Evert, Eveline en Leo steane foar op it toaniel, alle trije somber.)

EVERT

En no is it jûn.

LEO

It feest kin begjinne.

EVELINE

Feest? Sis mar begraffenis.

LEO

Myn suster wurdt de finzene fan in âld bok.

EVELINE

Myn broer moat tasjen hoe't syn leafste úthoulike wurdt...

LEO

.. oan in oare âld bok.

EVERT

Wy moatte de moed net ferlieze.

EVELINE

(gûlend) Wy moatte de moed net ferlieze.

LEO

Wy ha de moed al ferlern.

(Yntiid is Pokkelijn sichtber wurden. Hy sit op in húske-pot it Financieel Dagblad te lêzen. Neidat der mei in hurde tik wat yn 'e pot fallen is, teart er de krante dûbel en lûkt troch.)

POKKELIJN

Allegear hjir komme graach. O, dêr bin' jim al. No, dat falt ta dizze kear. As iderien no presys docht wat ik sis, dan wurdt it in feestlike jûn. In feest sa't wy dat sûnt it ferstjerren fan mem net mear hân ha. Litte wy de diskusjes dy't wy hân ha no mar even ferjitte, dan wurdt it doch noch gesellich. Dat jildt ek foar dy, soan. Ik bin ree om te ferjitten wat der sein is, mar dan moasto dat ek dwaan.

LEO

Fansels heit. Wy prate der net mear oer.

POKKELIJN

Dêr bin ik bliid om. Wat fijn dat it doch noch goed komt en dat we allegear bliid binne. Ik

bin jim dêr werklik tankber foar. (*Iderien sjocht tryst nei de grûn.*) En dan krije jim der ek noch in leuke styfmem by, foar itselde jild. Is dat moai of net?

LEO

Ja heit, dy is seker moai. Geweldich.

POKKELIJN

En do Eveline? Bisto ek bliid? (*Eveline gûlt, sy skodhollet, mar as Evert har in triuwke jout, knikt har holle ja.*) Moai. Ik bin bliid dat wy allegear bliid binne. Dan folgje hjir de ynstruksjes. Evert, hasto de kontraktsjes foar de opropkrêften?

EVERT

Jaseker menear. Ik klok presys wa't wat wannear docht en dat krije Jan, Pyt en Klaas, plus Klaske dan oare moanne betelle.

POKKELIJN

Betelle?

EVERT

Utkeard. Mar allinnich foar wat se dogge.

POKKELIJN

Krekt. Sa gau as se even neat te dwaan ha – of net mear bewege – dan drukst de knop yn en dy tiid krije se net...eh... hoe hjit dat?

EVERT

Utkeard.

POKKELIJN

Krekt. Dan no de tariesingen foar ús feestlike feest. Earst de tafel en de stuollen.

EVERT

Dy steane der al menear.

POKKELIJN

Moai. Dêr hie ik noch gjin opdracht foar jûn. Dus dat wurdt net rekkene. Dan it klearmeitsjen fan de tafel. Jan, dat dochsto.

JAN

(*Syn kollega's dogge 'sst' mar it is al te let.*) Is al dien, menear.

POKKELIJN

(*tsjin Evert*)

Opskriuwe, idem dito. Dan it skjinmeitsjen. Pyt. Pak in doek en wriuw alles skjin. Mar net te hurd, want oars slyt it tefolle. Klaas, helje de lytse boardsjes fan 'e tafel en set de lytsere der del. Oars ferfrette de minsken harren en dan krije we obesitas. Dat is net de bedoeling. En lytse glêzen, fansels. Klaske, do skinkst de glêzen fol.

KLASKE

Fol, menear?

KLAAS

Fol, menear?

POKKELIJN

Nee net fol fansels. Hast heal fol. Hoe minder ast deryn dochst, hoe sjiker it der útsjocht.

SJAAK

'Ober, myn board is wiet.' 'Dat is jo sop menear.'

POKKELIJN

Wat sei Sjaak?

SJAAK

Moat ik ek sop meitsje, menear?

POKKELIJN

Toe dan mar. Litte wy es útpakke. Sjoch mar yn de tún oft der wat is dêr'tst sop fan siede kinst.

SJAAK

Dat sil dan wol konifearesop wurde.

POKKELIJN

Dat soe kinne. En wat is it neigesetsje?

SJAAK

Dêr tuskentroch moat doch ek noch wat? In echt diner hat fiif gongen.

POKKELIJN

Fiif? Moat dat?

SJAAK

Nei de consommé: de crudité. Ik tocht oan soks as carpaccio op in bedsje fan eineboarst. Dan in ienfâldich pantsje mei fisk mei pylksturtroch en krab op in bedsje fan salmmousse en kaviaar. Dêrnei damhertetûrnedos, ôfmakke mei de kûgel en cranberrysaus, op in bedsje fan posearre dowe-aaien. Lardearre mei prinsessebeantsjes op in bedsje fan Parise ierdappeltsjes. En as neigesetsje in Dame Blanche, mei Turks Fruit op in bedsje fan farske dadels. En as ôfsluting kofje mei konjak, armagnac of cointreau op in bedsje fan...

POKKELIJN

Wolst de minsken soms dea ha? Wat moat dat allegear wol net kostje?

SJAAK

Mei twahûndert dukaten kom ik in hiel ein.

POKKELIJN

Twahûndert. Ik wurd net goed.

EVERT

Foar dat jild kin iderien wol foar sjef kok spylje, Sjaak. De keunst is om sûn en streksum iten te sieden foar sa min mooglik jild. Jo soenen it as in útdaging sjen moatte om mei de helte fan dat bedrach rûn te kommen.

POKKELIJN
De helte...?

EVERT
Wat sis ik? In fjirdepart fan dat bedrach...

POKKELIJN
In fjirdepart...?

EVERT
Sels mei in tsiende kinst de gasten noch wol wat lekkers foarsette.

SJAAK
Dan moat menear my mar es útlizze, hoe't dat moat. Want foar dat jild kin ik allinnich mar kroketten bij de Febo út de muorre lûke.

EVERT
Wês kreatyf. Brûk lokale produkten, net fan dy eksoatyske rommel.

POKKELIJN
Krekt.

EVERT
En set se lytse poarsjes foar. Sûn iten hoecht net folle te wêzen. En dus net djoer.

POKKELIJN
Krekt.

EVERT
De âlde Romeinen seinen it al: de minsk moat ite om te libjen en net libje om te iten.

POKKELIJN
Krekt. Dy moat ik opskriuwe. In list deromhinne en ophingje boppe de iiskast. Hoe wie 't ek alwer? In minsk moat libje om te iten en net ite om te libjen.

EVERT
Oarsom menear. In minsk moat ite om te libjen en net libje om te iten.

POKKELIJN
Dat sei ik doch?

EVERT
Nee, jo seinen: in minsk moat libje om te iten en net ite om te libjen.

SJAAK
Mar je moatte doch ite om te libjen, dat seist krekt sels.

EVERT
Nee, dat sei ik net.

SJAAK
Jawel, do seist: de minsk moat ite om te libjen. En net libje om te iten.

EVERT

Ja, mar menear sei: in minsk moat libje om te iten en net ite om te libjen.

SJAAK

Sjochst no wol: do moast dus wòl ite om te libjen.

EVERT

Jawol, mar je moatte net libje om te iten.

LEO

No, it is my likefolle.

EVELINE

Mei ik nei myn keamer?

POKKELIJN

Hoe dan ek, it is in belangrike spreuk. En do soest 'm út 'e holle leare moatte Sjaak, want do hast oanstriid om dy beide hieltyd wer trochinoar te heljen.

SJAAK

Wat helje ik dan trochinoar?

POKKELIJN

Datst... ite... moast... No ja, dat docht der no net ta! Dêr giet it no net om. Hè, moast my altyd tsjinprate, altyd yn de kontramine.

SJAAK

Ik gie net tsjin jo yn.

POKKELIJN

Sjochst wol. No dochst it wer.

EVERT

Moast posityf tinke, Sjaak. Utgean fan de mooglikheden en net fan de ûnmooglikheden.

POKKELIJN

Krekt! Dizze jonge hat it begrepen. Dy moat ik ek opskriuwe. Is dy ek fan de âlde Romeinen?

EVERT

Grif menear.

SJAAK

(flústeret) Sjerpstriker.

POKKELIJN

Dus wat it iten oangiet: set se wat ienfâldichs op tafel, dat flink útset en in bytsje swier op 'e mage leit en net al te djoer is.

EVERT

Ierappelsmots, hutspot, potstro.

POKKELIJN

Krekt. Freegje it mar oan Evert. Dy wit alles, do dochst dus presys wat hy seit.

EVELINE

Mei ik no nei myn keamer?

POKKELIJN

Dan it útstapke nei de merke. Wy helje spesjaal foar Marianne en foar dy de hynders fan stâl en dy spanne we foar de koets. Makkesto dat ynoarder Sjaak?

SJAAK

Momint menear, ik set earst even in oare pet op. (*Ferwikselet syn koksmûtse foar in cap.*) Sûnt jo de lêste koetsier, de túnman en de húsfeint fuortbesunige ha, moat ik al dy rollen útinoar sjen te hâlden. De hynders foar de koets spanne, seinen jo menear?

POKKELIJN

Ja, dat sei ik.

SJAAK

Dat sil net slagje, menear.

POKKELIJN

Begjinst no wer?

EVERT

Utgean fan mooglikheden, Sjaak, net fan ûnmooglikheden.

SJAAK

De swierrichheid is allinnich dat de mooglikheden fan de hynders op binne, menear.

POKKELIJN

Hoesa?

SJAAK

Sûnt se de lêste kear op rantsoen set binne, kinne se noch mar amper op de skonken stean. Se libje net om te iten, mar se ite net genôch om te libjen. Ik bin bang dat as ik de swipe deroer helje, se troch de hoeven sakje.

EVERT

Altyd sa negatyf.

SJAAK

Dan besjogge wy it posityf. Jo kinne der altyd noch hynstefleis fan meitsje litte. Dan is it probleem fan it iten ek oplost.

POKKELIJN

De brutaliteit! It personiel fan tsjintwurdich. Moat ik dy ek dien jaan!

SJAAK

It spyt me menear, mar ik wurdt mislik fan dat flaaikjen fan him. It ienige dat er docht is jo nei de mûle prate, dy huchelder. Iderien sjocht it, behalve jo. Hy docht de hiele dei oars

neat as alles en iderien neirinne om dan by jo yn in goed bledsje te kommen. 'It personeel yt de koarsten op menear.' 'Jo hoege se net te beteljen as se sitte te iten' . 'Sjaak jout jo hynders hea en strie.' - hy wit it ferskil net - 'En jo dochter...

EVERT

No witte wy it wol, Sjaak.

SJAAK

Stjoer my ek mar fuort, as it moat menear. Dan mei dat stik midden-management hjir sels de hannen es út de mouwen stekke. Mar ik kin jo wol sizze dat ik hjir bûten foar de poarte stien ha te janken, oant der gjin drip mear wie. Ik bin hjir yn tsjinst kaam doe't jo heit noch libbe. Wy ha noch hynderke boarte, jo by my op 'e rêch en ik ha altyd fan jo hâlden, ek no't ik like hurd fersuterje as jo knollen yn 'e stâl. Want sûnt de dea fan jo frou binne jo net mear wa't jo wienen menear. Jo wienen altyd al sunich. Leaver in trui oan as de kachel. Mar nei de dea fan jo frou is alles en iderien mei de dei, tinner, kealer, smeller en skraler wurden, yn it foarste plak josels. It ienige dat net tinner wurdt, is de rolle húskepapier. Omdat hjir neat mear is om te kakken.

EVERT

Dit geëamel is dochs net om oan te hearen, menear.

POKKELIJN

Lit 'm mar even raze, Evert. Ik hear graach hoe't de minsken oer my tinke.

SJAAK

Dat tink ik net menear, dat jo graach hearre wat de minsken oer jo sizze.

POKKELIJN

O nee. Wat sizze se dan?

SJAAK

As ik dat sis dan ûntploffje jo.

POKKELIJN

Ik ûntplof net. Fertel op, ik wol it hearre.

SJAAK

Se sizze... dat jo in ynklauwer binne, in frek, in nepert, in woekerder, in sitroenkniper, in ielshûd, in krintekakker. Se sizze...

KLASKE

Dat jo de kat fan de buorlju foar de rjochter sleept ha,

SJAAK

omdat dy in pikebonkje pikt hie.

KLAAS

Ja, werklik wier.

JAN

Dat jo op jo hannen rinne om jo skuon te sparjen.

PYT

En dat jo njonken jo skuon rinne om jo hannen net te fersliten.

KLAAS

Ja, werklik wier.

SJAAK

Dy't de skoech past, lûkt him oan.

KLASKE

Dat jo de klean stelle fan de deaden út it lykhúske.

KLAAS

Ja, werklik wier.

SJAAK

Want wat hat in ferstoarne noch oan klean?

JAN

En dat jo jo bern in rekken presintearre ha foar 20 jier ûnderdak en ferbliuwskosten.

KLAAS

Ja, werklik wier.

SJAAK

Ynklusyf rinte op rinte.

PYT

Dat jo de grêfstien fan jo mem, foar it grêf fan jo frou brûkt ha.

KLASKE

En dat jo de blommen fan oare grêven pikke, om se op har grêf te setten.

KLAAS

Ja, werklik wier

POKKELIJN

Ophâlde! Gemiene ligers dat jim binne. Myn hûs út! Ik wol jim net mear sjen! (*Hy mept der mei it Financieel Dagblad op los.*) Jim binne allegear ûntslein. En do ek en do en do en do. Fuort, fuort. Wat seist? Do wiest al ûntslein? Dan nim ik dy oan en ûntslaan dy noch in kear. Smoarge ligers. Steltsje dieven. Jim wolle my kapot meitsje, allegear. Iderien derút, ophoepelje, fuort. Ik wol niks mear mei net ien te meitsjen ha. Ik wol net ien mear sjen. (*Hy is poerrazend en stampet mei grutte stappen syn hûs yn.*)

SJAAK

Ik sei al dat jo ûntploffte soenen. Ik ken jo doch.

Sêne 2

LEO

Einlings ien dy't him de wierheid seit.

EVERT

Goed foar dyn ego miskien, mar wat hat hy deroan?

EVELINE

Ik gean nei him ta.

EVERT

Do makkest 'm allinnich mar lilker.

EVELINE

Ik moat. Ik kin it net langer oansjen. *(ôf)*

LEO

Lokwinske Sjaak. Knap wurk.

SJAAK

Ik bin der net grutsk op.

LEO

Ik knyp der even tuskenút foar in putsje. *(ôf)*

EVERT

Fan my ek de beste winsken. Knap wurk. Earlikheid leanet, dat blykt mar wer. Wat hast hjir no mei fertsjinne, sukkel?

SJAAK

Do mislike, efterbakse, draaikont. Kom hjir en ik jou dy in oplawibus.

(Hy wol him pakke, mar Evert is flugger en nimt 'm yn 'e hâldgreep.)

EVERT

Dan moast earder fan bêd komme, âlde. Mei ik dy in gratis tip jaan, hielendal fergees? Earlikheid is gjin deugd. Dy saneamde deugden binne der allinnich mar om dysels lekker by te fielen. O, wat is de wrâld doch min en wat bin ik doch goed. Do neamst my in moaiprater, mar dat bist sels. Earlikheid is in strategy, mear net. *(Hy lit him los.)*

SJAAK

Jou dy tip mar oan dyn master, skoft. Dy is gek op alles wat fergees is. Mar dat doarst net. *(Hy rint fuort.)*

EVERT

Do hast gjin flau idee wêr't ik mei dwaande bin.

Sêne 3

(Madame Jarretelle komt op, folge troch Marianne, dy't in grutte hoed op hat dy't har gesicht foar in grut part ferberget. Se mjit iderien dy't nei har sjocht.)

MADAME JARRETELLE

Middei.

EVERT
Middei dames.

MADAME JARRETELLE
Is de hear fan dit hûs der net?

EVERT
Jawol mefrou. Jo wurde ferwachte, mar menear is tydlik... beset.

MADAME JARRETELLE
Ah. Is hy wer ien oan it ôfknipen?

EVERT
Hy is oan it ôfknipen, jo ha gelyk. Ik sil even sjen hoefier't er is. Momintsje asjeblyft. (*ôf*)

MARIANNE
O, madame Jarretelle. Ik wurd net goed. Ik wurd net goed.

MADAME JARRETELLE
Bist sa bliid?

MARIANNE
Nee! De senuwen frette my op. En ik bin bang. Bang, bang, bang.

MADAME JARRETELLE
Berntsje, do trillest as in lammesturtsje. Dat hoecht doch net.

MARIANNE
Hoe soenen jo jo fiele as jo tweintich wienen en op it punt stienen om úthoulike te wurden oan sa'n âlde...

MADAME JARRETELLE
Fiislak?

MARIANNE
Ja.

MADAME JARRETELLE
Ik bin op myn tweintichste úthoulike oan in âlde fiislak.

MARIANNE
O. Dat wist ik net.

MADAME JARRETELLE
Berntsje, ik snap best dat it idee om te trouwen mei in âldere man, dy'tst noch nea earder sjoen hast, dy net oanstiet. Dat hie ik ek. Do soest folle leaver by ljochtmoanne waar in eintsje te kuierjen gean mei dy knappe, leuke jonge dy'tst lêsten moete hast.

MARIANNE
(*suchtet*) Ja, hy is sá.. sá..

MADAME JARRETELLE

Sa earm as in lús, nei alle gedachten. Do witst syn namme net iens, mar hy is sa grien as gers en hy hat dy neat te bieden.

MARIANNE

Draait alles dan allinnich mar om jild?

MADAME JARRETELLE

Ast in soad jild hast, spilet jild gjin rol. En ast it net hast wol. Menear Pokkelijn heart by de earste kategory en do en jim mem ta de lêste. Jim binne no ienkear oan reapsein. Dan binne der noch mar twa mooglikheden. Of do giest mei in read lampke achter it rút sitten en do litst dy troch tweintich fiislakken per dach betaaste. Of do litst dy sa no en dan troch ien fiislak betaaste fan dy earste kategory. Moaier kin ik it net meitsje. En sa min is hy no ek wer net. Ik bin it mei dy iens, hy is sa sunich as it mar kin en hy is net mear memmes moaiste, mar hy is in razer mei in lyts hertsje. Ik doar te wedzjen dat hy straks ferlegener is as dy.

MARIANNE

Bin ik dêrom folwoeksen wurden? Woe ik dêrom as jong famke sa graach gelokkich, fereale en moai wêze? Om myn fierdere libben dea-ûngelokkich te wêzen? Wie ik mar dea.

MADAME JARRETELLE

Meitsje der no net sa'n drama fan. Besjoch it as in komeedzje dy't goed ôfrint. Ik doar te wedzjen dat er binnen fiif jier de piip út is en dan hasto mei it jild dat er oppotte hat in libben as in lús op in seare holle. Dan kinst oan alle fingers tsien fan dy moaie, knappe keardels krije.

MARIANNE

Dêr wurd ik bliid fan. Myn gelok hinget dus ôf fan syn dea.

MADAME JARRETELLE

Ssst, dêr silst 'm ha.

Sêne 4

(Pokkelijn is drok dwaande om de klean by de broek yn te tropjen en de broek ticht te knoopjen mei in eintsje tou. As hy Marianne ûntdekt bliuwt er stokstiif stil stean. De broek sacket him ôf.)

POKKELIJN

In goede.. goede... goede..

MADAME JARRETELLE

Middei.

POKKELIJN

In goede middei.

MARIANNE

In goede middei.

POKKELIJN
Goemiddei.

(Madame Jarretelle meneuvelet dat er syn broek ophysje moat.)

MARIANNE
Goemiddei.

POKKELIJN
Goemiddei.

MADAME JARRETELLE
Noch even en 't is jûn.

POKKELIJN
Koene jo it fine?

MARIANNE
Pardon?

POKKELIJN
Koene jo it fine?

MARIANNE
Pardon?

POKKELIJN
It paad.

MARIANNE
Pardon?

MADAME JARRETELLE
Ja, wy koenen it paad fine.

(Pokkelijn sjocht no pas dat sy meneuvels makket, mar begrypt dit ferkeard. Hy docht har meneuvels nei.)

POKKELIJN
Meie jo graach dûnsje?

MARIANNE
Dûnsje?

POKKELIJN
Ik dûnse froeger graach mei myn frou. Sy... ik bedoel, wy... Dus jo meie ek graach dûnsje?

MARIANNE
Ja. Jawol. Soms.

POKKELIJN

Wolle jo mei my dûnsje?

(Hy begjint falsk te sjongen. Hy docht de hannen sierlik omheech, wol in stap in har rjochting dwaan, mar stroffelet dan oer syn broek en falt plat op 'e grûn. Eveline, dy krekt opkomt, helpt him oerein en makket syn broek ticht.)

EVELINE

Heit, jo binne gjin tweintich mear.

MARIANNE

(flústeret tsjin Jarretelle) O, myn god. Wat in kwelling. Ik wurd net goed.

MADAME JARRETELLE

Doch as de measte froulju yn de earste houliksnacht. Doch de skonken wiid, knyp de eagen ticht en wachtsje oant it foarby is.

POKKELIJN

Mei ik jo foarstelle oan myn dochter Eveline. Eveline, dyn oansteande styfmem. Marianne, jo oansteande styfdochter.

(Leo is ûngemurken opkaam en observearret it tafriel.)

MARIANNE

Tige bliid om mei jo yn 'e kunde te kommen, mefrou. Mar it plak fan jo mem sil ik noait ynnimme kinne.

EVELINE

En ik net dy fan jo dochter.

MARIANNE

Gelokkich mar. Ik sjoch jo leaver as freondinne. Famylje ha je net foar it útsykjen, mar freonen wol.

EVELINE

Ik tink dat wy mear itselde ha as dat wy wolle, Marianne.

POKKELIJN

Wêr slacht dit op? Nim my net kwea ôf, famke, mar myn bern binne nochal eigensinnich. Benammen myn soan. Gelokkich binne se meikoarten de doar út en dan ha wy tegearre it ryk hjir hielendal allinnich. Wêr is dy rotjonge eins? Leo!! It is in rûchhouwer dy soan fan my, brutaal as de beul en in earsteklas praatsjemakker. Sjochst gau genôch hoe't er werklik is. Wêr bliuwt er no? Leo!!

Sêne 5

(Marianne is ferbjustere as se Leo sjocht.)

LEO

Hjir bin ik heit. Rôpen jo my? Wat kin ik foar jo dwaan? Is dit de oansteande breid dêr't jo ús fannemoarn by it moarnsiten oer ferteld ha? Mefrou, ik bin bliid mei jo yn 'e kunde te kommen. *(Hy pakt har hân en tutet dy innich.)*

MARIANNE

Ik wist net.. ik wist net.. ik wist net..

MADAME JARRETELLE

(flústeret) Is dat 'm? *(Marianne knikt.)*

MARIANNE

Ik... Ik..

EVELINE

Se wurdt net goed.

(Marianne falt flau.)

POKKELIJN

Wat dochst no wer, ûlewapper. Do bist der noch mar krekt, of do jagest dat earme bern de skrik al op 'e lea mei dyn idioate gedrach.

LEO

Lit my mar even. Ik ha in EHBO diploma.

(Ferskate minsken bûge harren oer har hinne. Ut it sicht fan Pokkelijn past Leo mûle op mûle beäzeming ta.)

POKKELIJN

Wetter! In bûsdoek! Ferbân! In brankaar! Belje 112. Hoe is 't mei har? Wat bart dêr allegear? Is se dea?

MADAME JARRETELLE

(Lûkt Leo oan 'e kant. Marianne komt oerein.) Jo soan kin better badmaster wurde, menear. De famkes sille yn 'e rige stean om harren troch him rêde te litten.

POKKELIJN

Mefrou... Marianne... ik moat my ferûntskuldigje foar myn soan. Hy hat gjin manieren. Hy is ûnbeleefd, bot, brút en brutaal. Fan it idee dat er sa'n moaie styfmem kriget, feroaret er wer yn de dwerse, negative puber dy't er eins altyd bleaun is.

MARIANNE

O, mar ik twivelje net oan syn positive bedoelingen, menear. Jo soan is tige... behelpsum.

POKKELIJN

Tige freonlik fan jo dat jo it foar him opnimme, mar hy wit jo net nei wearde te skatten.

LEO

Ik wit hár net nei wearde te skatten? Hoe komme jo derby, heit? Der hat noch noait ien west dy't ik leaver wolkom hjit yn dit hûs as dizze oantreklike, betoverjende frou. De komst fan Marianne yn ús tryste hûs is it moaiste dat ús oerkaam is sûnt de dea fan mem. Sa't sy dy oansjocht, dat is as in ljocht dat strielt yn ús tsjustere dagen. Alle bewegings fan har godlike figuer ferwaarmje ús hert dat al sa lang kâld is. As ik har allinnich noch mar sjoch, dan sweef ik fan gelok. En as har lippen wike foar in inkel, leafdefol útsprutsen wurdlied – al seit sy net mear dan oh of ah of boe of bah - dan ferjit ik op slach alle hurde wurden, alle

fernederings dy't myn siel kwetst ha en dy ús deistich libben hjir al fierste lang bedjerre.

POKKELIJN

Hast dat út 'e holle leard?

LEO

Har skientme is in blom yn in tún dy't ferdroege is. Har ferstân is in sieraad op in dongbult fan dommichheid en foaroardielen. Wêr't sy komt wurdt alles moai en hearlik. Wêr't sy lâns giet ferrekke de minsken de nekke om te sjen wat harren rekke hat. As sy dy oansjocht gliere har eagen nei de boaiem fan dyn siel en litte alles dêr fuortsmelte dat net suver, earlik en folmakke is.

POKKELIJN

Tankewol. Ho mar. Ik ha sels ek noch in tonge om mei te praten, ja?

LEO

Ik begryp jo kar sá goed heit. En ik kin 'm, foar safier mooglik, ek tige goed wurdearje. Jo ha sûnder mis mei Marianne praat...

POKKELIJN

No, noch net sa yngeand.

LEO

Noch net sa yngeand? Mar se sil jo doch wol tabetroud ha hoe graach se de styfmem wurde wol fan Eveline en my?

MARIANNE

Nee, dat ha 'k net dien.

POKKELIJN

Fansels net. It bern is der krekt.

LEO

Of wêrom 'it bern' op âlde pedofilen falt dy't oan de twadde lêch wolle.

MARIANNE

Nee, dat ha 'k net dien.

POKKELIJN

Wat seist?

MADAME

Hearen, hearen, sille wy it oer wat oars ha? It plan wie dat beide jonge dames yn in koets nei de merke brocht wurde sille. Dan kinne wy yntiid de aktes en faktueren en sa yn oarder meitsje, sadat straks by it diner de trou-akte tekene wurde kin.

POKKELIJN

Ynoarder.

EVELINE

De merke is fan 't jier wol tígge let dien. Ik tink net dat ik foar 't iten thús bin.

LEO

Moatte jo de gasten earst net even wat oanbiede?

POKKELIJN

Ja! Dêr ha 'k oan tocht. Evert! De traktaasjes.

(Evert komt op mei in skaal appeltsjes. Iderien nimt ien, wachtet beleefd en nimt dan tagelyk in hap. Iderien lûkt in soer gesicht.)

LEO

Se binne oan 'e soere kant fan't jier, heit.

POKKELIJN

Gewoan der even trochhinne bite.

LEO

Ik ha sa frij west om yn de geast fan ús heit jim in alternative traktaasje oan te bieden. Wa hat dêr sin oan?

IDERIEN

(Útsein Pokkelijn, wylst se de appels fuortsmite.) Graach!

(Leo klapt yn 'e hannen en Sjaak, Klaske, Jan, Pyt en Klaas ride karkes op dy't wit hoe heech opsteapele binne en útpûlje mei lekkere dingen.)

LEO

It binne mar in pear beskieden hapkes dy't jo oanbean wurde út namme fan ús heit út de gigantyske goedheid fan syn gigantyske portefúlje. Allinnich mar in pear peasaikes, pralines, bonbons en sûkelaadsjes fan Cheri. Wat noga út Montelimar, Bossche Bollen, merengue út Mechelen, Deventer koeke, Turks Fruit, Grykske baklava, Russysk aai, Fryske dúmkjes, Berliner bollen, Haagse hopjes, Arnhemse Famkes en Burgumer Hamburgers. Plus wat eierkoeken, krûdkoeken, pannekoeken, sûkerspinnen, soerstokken, dropfitters, toverballen, boarstplaat, bûterbabbeliers, karameltoffee, klapkauwgom, kapsalons, krintemik, sûkerbôle, negerzoenen, joadekoeken, gemberbolussen en bananeboaten. En noch wat iisraketten, Magnums, Cornetto's, Vanilla Fudge, Poire William, Dame Blanche en Kûpe Soleil. En fansels noch in stik as wat mango's, granaatappels, papaja's, kweeparren, kokosnuten, kiwys, guaves, lychees, ramboetan, ananas, figen, dadels, abrikoaskes, babybananen, prumen, perzikken en parkes op swiere siroop. En o ja, dat moat ik net ferjitte: dizze! Is net geskikt foar âldere manlju, mar de dames sille derfan smikkelje...

EVELINE en MARIANNE

Wat dan...?

LEO

Passyfrucht...!

(Wylst de gasten oanfalle op it lekkers stoart Pokkelijn in.)

POKKELIJN

Ik .. wurd .. net.. goed.

(Hy sit yninoar dûkt op 'e grûn en skokt. Leo giet by him sitten, slacht in earm om him hinne, snút him de noas en flústeret him wat yn. Dan helpt er him oerein.)

LEO

Marianne! Dames en hearen. Mei ik even jim oandacht. Us heit hjir freget him ôf oft it wol genôch is. Jim kenne syn goederjouskens, syn leafde foar syn bern en foar alles dat moai en skjûn is. En hy, en ik, fregen ús ôf, hoe't wy Marianne witte litte koenen, hoe wolkom sy hjir is. Dan binne in pear traktaasjes net genôch. Jim ha sûnder mis de ring sjoen dy't er oan de pinke fan syn linkerhân hat. *(hy skoot him derôf)* Froeger sierde dizze 18 karaat diamant fan 75.000 dukaten – mar foar ús is hy fansels folle mear wurdich – de blanke hân fan ús leave mem. Us heit jout neat om sieraden. Hy hâldt allinnich fan soberheid. Dus wat leit mear foar de hân, dan dizze ring fan leafde, dit teken fan ivich ferbûn wêze, dit lytse bewiis fan wiere passy, te skowen oan de leafste hân yn ús fermidden, de hân fan Marianne.

(H hat yntiid har hân pakt en har de ring om 'e finger skood. Pokkelijn bestjert it hast, kin sels net mear nei azem happe.)

MARIANNE

Ik kin dit net oannimme.

MADAME JARRETELLE

Fansels wol. Tink oan jim mem.

EVELINE

Ja, ik tink oan ús mem.

MARIANNE

(Tsjin Pokkelijn, wylst se de ring ôf docht.) Menear, ik mei dit net oannimme.

MADAME JARALLE

Doch net sa stom. Pak oan.

MARIANNE

(wylst se Leo oansjocht) Menear, ik bin tige tankber, mar ... ik kin dit net oannimme.

LEO

Mar ús heit wol dat jo 'm oannimme. Is 't net sa, heit?

POKKELIJN

(ferdôve) Watte?

LEO

Jo wolle doch ek dat Marianne dit lytse presintsje oannimt?

POKKELIJN

(Even stil. Pokkelijn slokt. Sjocht fan de ring nei syn bern en wer werom en seit dan wat hast net te ferstean is) Ja.

LEO

Wat sizze jo?

POKKELIJN

Ja. *(Hy besiket mei triljende hannen har de ring oan 'e finger te skowen. It slagget net goed. Leo triuwt 'm oan 'e kant.)*

LEO

Lit my mar even.

(Dan skoot Leo har de ring oan 'e finger, tutet har hân en tutet har op 'e mûle.)

Ut namme fan ús hiele famylje hjit ik jo fan herte wolkom.

MADAME JARRETELLE

Sa is it wol goed. Sille wy no nei de merke gean? We moatte jûn op tiid wer werom wêze foar de beide brulloften.

POKKELIJN

(dof) Ja ja. Goed, goed. Evert, freegje Sjaak oft er de hynders al foar de koets hat.

EVERT

Jaseker menear. Giet it? *(ôf)*

LEO

Dizze kant út dames. Ik sil jim mantels even ophelje.

(Hy nimt Marianne en Eveline mei ôf. We sjogge ergens de holle fan Flip Vlug dy't om in hoekje sjocht.)

MADAME JARRETELLE

Hy is jaloersk menear. Sit der mar net oer yn, hy draait wol wer by. En ha jo sjoen hoe bliid en tankber sy is mei dy ring? Wier, it komt goed.

POKKELIJN

Ja, ja. Goed, goed. Hy ruïnearet my, dy soan fan my. Mar ik krij 'm noch wol.

(Madame Jarretelle hellet har jas ek op. Pokkelijn giet nei it húske. Flip Vlug folget him. Evert op mei Eveline. Hy helpt har in har jas.)

Sêne 6

EVELINE

Wat dogge wy no Evert? Straks stiet dy Armani hjir op 'e stoepe om mei my te trouwen. Dan oerkomt my itselde as dy earme Marianne. Wat moat ik dwaan?

EVERT

Do moast it yn alle gefallen net sa oanpakke as dyn broer. Dat wurket allinnich mar averjochts.

EVELINE

Mar wat dan?

EVERT

Kinst net út sa'n weintsje stappe yn de achtbaan? Of dy siik ite oan oaljekoeken?

EVELINE

Dat wurdt niks.

(Se geane de poarte út. Leo op mei Marianne; hy helpt har yn 'e jas.)

MARIANNE

O, Leo, Leo, Leo. Wat moat ik dwaan? Straks wurdt it houlik sletten en dan sit ik fêst oan jim heit.

LEO

Safier komt it net. Oer myn lyk.

MARIANNE

Ik wit net oft it wol sa ferstannich wie watst dien hast mei dy ring. As ik 'm no es werom jou, sil er my dan miskien gear litte?

LEO

Ik tink it net. As hy mei dy trout, kriget er dy ring ek wol werom.

MARIANNE

Mar wat dan?

LEO

Ik betink wol wat.

(Se geane beide de poarte út. Sjaak komt hastich op.)

SJAAK

Menear Pokkelijn, Menear Pokkelijn. De hynders binne dea.

(Pokkelijn komt oansetten.)

POKKELIJN

Hoesa dea?

SJAAK

Gewoan dea. Earst dea-ynein. En doe oanein. It binne gjin hynders mear, mar hynstefleis.

EVERT

(op) Jo soan is al fuort om in koets te hieren, menear. In gouden koets bin ik bang. *(ôf)*

POKKELIJN

Dat kin der ek noch wol by. Rop dy soan fan my werom, fuortdaalk. *(Sjaak en Evert ôf.)* Hy ruïnearet my. Mar ik krij 'm wol. Ik krij 'm wol. *(We sjogge de holle fan Flip Vlug wer, dy't sjocht hoe't Pokkelijn fan it podium ôf slofket .)* Oaljekoeken ite, it kin net op.

SKOFT

(mei oaljekoeken)

FJIRDE BEDRIUW

Sêne 1

(De opsteapele lekkere dingen steane der noch hieltyd, mar it iis en de sûkelarje binne der hjir en dêr flink útrûn. Yn in hoeke fan it toaniel sitte de opropkrêften te skoftsjen en dogge in spultsje 'balletje-balletje' mei knopen as jild. De konifearen steane foar it privaat (húske). Leo komt slûpendewei troch de poarte op en hopet dat net ien him sjen sil. Dan hearre wy de lûde stim fan Pokkelijn.)

POKKELIJN

Leo!!

LEO

Shit.

POKKELIJN

Ik moat even mei dy prate. Kin it no even? Ik kom deroan.

LEO

(tsjin de opropkrêften) Moatte jim dy rotsoai net es opromje?

KLASKE

Wy meie neat dwaan yn it skoft.

JAN

Stiet yn it kontrakt.

PYT

Nulkontrakt, hè.

KLAAS

Oars hienen wy it graach dien.

LEO

Dan regelje ik dat wol. Romje it no mar op. Oars ûntploft ús heit straks wer.

(De opropkrêften geane oan it wurk. Klaske jout oanwizings.)

JAN

Evensagoed skande fan dat leuke famke, menear.

PYT

Dat hy har net kriget, bedoelst?

JAN

Ja. Ik fyn it wol in lekker ding.

PYT

(Slikket him de fingers ôf.) Seker in lekker ding.

KLASKE

(Sjocht dat Klaas ek stiet te snobjen.) Wat seist Klaas?

KLAAS

Wat? O, wis en seker in lekker ding, seker.

LEO

Gean no mar oan 't wurk, ja?

KLASKE

Dat soenen jo miskien ek dwaan kinne menear, wurkje.

KLAAS

Wurkje? Jah, da's grif wat foar menear.

LEO

Sjit no mar op.

(Vlug komt op en sjocht oft de kust feilich is. De opropkrêften geane ôf.)

VLUG

(flústeret) Leo, psst. Leo! Ik ha nijs.

LEO

No net. Hy mei dy hjir net sjen. Kom dalik mar werom.

(Wy hearre oan alle kanten it lûd fan húskes dy't trochspield wurde. Vlug ferdwynt. Pokkelijn komt achter de konifearen wei. Hy knopet syn broek mei it tou ticht.)

Sêne 2

POKKELIJN

Ah dêr bist jonge. Binne se al werom fan de merke? Is it slagge mei dy koets?

LEO

Nee heit. Ja heit. Jo nimme it my doch net kwea ôf?

POKKELIJN

Fan dy koets? Wolnee, krekt net. Dat wie goed fan dy. Do hast doch net sa'n goedkeape koets hierd?

LEO

(wifeljend) Nee..

POKKELIJN

Gelokkich. Want dy teare damesbiltsjes fertsjinje wol in sêft plakje, fynst net? Hast it even foarsketten? *(Hy jout 'm in briefke fan fyftich.)* Hjir, hast it jild wer werom. Is dat genôch?

LEO

Ja hear. Allinnich, ik kin jo no even gjin wikseljild jaan.

POKKELIJN

Hâld dat mar foar de muoite. Sis, no't wy it doch oer de dames ha... Ik woe even wat mei dy beprate.

LEO

Jo woenen wat mei my beprate?

POKKELIJN

Ja. As manlju ûnderelkoar. It sit nammentlik sa. Ik fyn it wat pynlik om te sizzen, mar dat famke hê, dy Marianne, as ik dat bern sjoch. Ik wit it net. Miskien komt it troch it ferskil yn leeftyd. Miskien ek net... Mar wat fynsto?

LEO

Wat ik fyn?

POKKELIJN

Ja, fan har hiele foarkommen. Har figuer. Har manier fan klaaien. Hoe't se praat. Hoe't se docht. Do bist mear fan har leeftyd. Wat fynst?

LEO

Ik tink.... Ja wat sil ik derfan sizze...

POKKELIJN

Earlik sizze, ek ast net sa posityf bist. Ik moat in belangrike beslissing nimme. Dêr moat ik goed oer neitinke, is't net sa? Wat fûnst der bygelyks fan dat se dy ring samar oannaam?

LEO

Ja, dat wie wol in bytsje...

POKKELIJN

Se wie wol wat hastich eins, is't net sa?

LEO

Ja. It wie in hoflik gebear fan jo.

POKKELIJN

Ah, do sjochst dat ek sa? Gelokkich. It wie in gebear. Mar om dat dan samar, hupakee, oan te pakken, dat tsjûget net echt fan goede smaak, wol?

LEO

Nee, dat kin' je wol sizze.

POKKELIJN

En dy klean dy't se oan hie.

LEO

Ek net sa. Bytsje earmoedich.

POKKELIJN

Presys. Se hat in aardich snútsje, mar neffens my is se net ien fan de tûksten.

LEO

Nee, dat is sa. Ik fûn har nochal dom. En sa knap fûn ik har ek net, hear.

POKKELIJN

Ja, ja. No fijn om te hearen dat we der wat dat oangiet itselde oer tinke, soan. It sit nammentlik sa. Doe't ik jim sa seach fannemiddei, frege ik my doch even ôf oft se no wol sa'n goede partij foar my is. Ik bedoel, wat moat sa'n âlde bok mei sa'n jong huppelkutsje – ik sis it mar even sa't it my foar de mûle komt. En doe krige ik ynienen de yndruk datsto wól wei fan har wiest.

LEO

Ik?

POKKELIJN

Ja, dy yndruk hie'k even. Ik tocht miskien moatte jim dan mar mei-elkoar trouwe.

LEO

Trouwe?

POKKELIJN

Ja. Dat tocht ik, even mar. Knapen fan dyn leeftyd ha it ferstân noch wol es tusken de skonken hingjen, hê. Of stean. Mar no't wy der sa es even reedlik oer prate kinne, as manlju ûnderinoar, begryp ik datsto har hielendal net sa sitten sjochst.

LEO

No, dat is te sizzen...

POKKELIJN

It makket foar my net safolle út. As der mar in frou yn 'e hûs is. Dus úteinlik ha'k besletten dat ik doch sels mar mei har trou.

LEO

Wêrom soenen jo dat dwaan, as it jo tsjinstiet, heit. By need bin ik ree om de troubelofte dy't jo dien ha, oer te nimmen.

POKKELIJN

Ik kin dy doch net freegje om dy foar my op te offerjen?

LEO

Dat doch ik graach.

POKKELIJN

Gjin sprake fan. Dat kin ik dy net oandwaan.

LEO

Mar ik wol it. Ik wol it!

POKKELIJN

O, no wol dy hypokryt ynienen wol. Ik ha dy wol troch mantsje.

LEO

Goed dan. Ik hâld fan har. Ik bin smoarferlyfd op har. En sy op my, hearre jo dat? Smoarferlyfd binne wy. Ik wie fan doel om jo tastimming te freegjen, mar doe fertelden jo my fannemoarn dat jó fan doel wienen om mei har te trouwen.

POKKELIJN

Dat kinst dan no moai ferjitte, huchelder dy'st bist. Do troust mei de frou dy't ik foar dy útsocht ha.

LEO

Ik ben net fan doel om Marianne te ferjitten.

POKKELIJN

Ik ben net fan doel om my troch sa'n snotnoas as dy oan 'e kant sette te litten.

LEO

Ik hâld fan har! En jo binne in âld nút!

POKKELIJN

Ik hâld likefolle fan har! Mear sels. En do bist in sloppe dweil dy't net wit hoe't er respekt opbringe moat foar syn eigen heit.

LEO

In heit dy't gjin respekt hat foar de kar fan syn bern, fertsjinnet gjin respekt.

POKKELIJN

Do wilst net iens wat dat betsjut, respekt. Respekt man!

Sêne 3

(Evert en Sjaak komme ôf op it trelit.)

POKKELIJN

Evert, kom hjir. Ik ha ferlet fan in skiedsrjochter.

EVERT

Ik wit it net menear. Ik wie krekt dwaande om jo rekkens te ferstjoeren. Miskien kin Sjaak jo helpe. Hy ken de famylje al hiel lang. En hy is super-earlik, is't net sa Sjaak?

POKKELIJN

Toe dan mar. Kom hjir Sjaak. Ik ha in mieningsferskil mei myn soan hjir...

SJAAK

Is my bekend menear.

POKKELIJN

.. en ik wol datst objektyf útspraak dochst en my gelyk joust. Ast earlik dyn miening joust, krigest in beleaning foar de muoite.

SJAAK

Wa't gelyk hat kin it fan my krije, menear.

POKKELIJN

Moai. De saak sit sa...

SJAAK

Miskien is it better om de partijen even apart fan elkoar te hearren. (*tsjin Leo*) As jo dêr sa lang stean gean wolle.

LEO

My bêst. (*Hy giet in eintsje fierder by Evert stean.*)

POKKELIJN

Ik wol mei dat famke trouwe. Dat ha'k ôfpraat mei har mem en mei har. Dat is al lang en breed besluten. Dan kin it doch net sa wêze dat sa'n snotjonge, allinnich om syn âlde heit dwers te sitten, har ek ha wol?

SJAAK

Nee, dat liket nearne nei. Jo ha gelyk.

POKKELIJN

Myn hiele libben ha ik wrotten en wraamd. Ik ha myn frou ferlern. Ha ik op myn âlde dei net rjocht op in bytsje gelok en in bytsje leafde?

SJAAK

Dat ha jo seker, menear. Wachtsje jo hjir. Ik sil mei 'm prate.

(*Hy nimt Leo apart.*)

LEO

Ik hâld fan har en sy hâldt fan my. Freegje it har mar. Wa tinkt hy wol net dat er is? Hy tinkt dat alles foar jild te keap is. En dat iderien dy't macht hat, ek alles foar it sizzen hat.

SJAAK

En dat is net sa?

LEO

Fansels net. Dat is doch gjin leafde. Hy is in fize âlde perverseling. Syn tiid hat west. Pedofilen ha gjin rjochten.

SJAAK

Krekt. Ik sil 't tsjin 'm sizze. (*Hy giet nei Pokkelijn.*) No, ik ha mei jo soan praat. En hy stiet wol iepen foar jo arguminten. Hy jout ta dat jo fanâlds de âldste rjochten ha, mar hy wol allinnich graach dat jo ek akseptearje dat hy rjochten hat.

POKKELIJN

Dus hy sjocht ôf fan Marianne?

SJAAK

Fan wa?

POKKELIJN

Fan dy dame dy't hjir fannemiddei wie.

SJAAK

O ja, folslein.

POKKELIJN

Moai. Dan wol ik de beroerdste ek net wêze. Sis tsjin him dat ik ôfsjoch fan dy widdo dy't ik foar 'm útsocht hie en dat hy sels kieze kin wa't er wol.

(Sjaak giet nei Leo.)

SJAAK

It is ynoarder menear.

LEO

Hy sjocht fan har ôf?

SJAAK

Hy hat mei de hân op it hert ferklearre dat er ôfstân docht fan de frou dy't er foar jo útsocht hie. Jo kinne, wat him oanbelanget, sels de frou kieze dy't jo wolle, sei er.

LEO

Dat falt my net ôf. Myn komplimenten, Sjaak.

(Pokkelijn en Leo rinne nei elkoar ta en Sjaak soarget derfoar dat se inoar de hân jouwe.)

SJAAK

Hearen, ik bin bliid dat it misferstân tusken heit en soan út 'e wei is en dat der wer frede yn dit hûs is. Ik moat no fuort, want ik moat noch twa hynders slachtsje.

POKKELIJN

Sjaak, myn komplimenten. Dat hast goed dien. *(Hy taast yn 'e bûsen)* Do hast wol in beleaning fertsjinne. *(Wylst Sjaak fol ferwachting syn hân ophâldt, fisket Pokkelijn in bûsdoek út syn bûse en snút wiidweidich de noas.)* Wat? O. Leo, jou do him even wat.

(Mei tsjinsin jout Leo it briefke fan fyftich oan Sjaak.)

SJAAK

Safolle?

POKKELIJN

(Skuort him it biljet út 'e hannen en stekt it sels yn 'e bûse.) Jou mar, dan wikselje ik it straks wol foar dy. En noch betanke, Sjaak.

(Sjaak giet teloarsteld ôf. Evert laket 'm út, as er by him del rint. Beide ôf.)

Sêne 4

LEO

Ik moat jo myn ekskús oanbiede foar myn gedrach fan fannemiddei, heit.

POKKELIJN

Hinderet neat, hinderet neat.

LEO

Dat gie echt te fier.

POKKELIJN

As famylje steane je inoar by. Dan stean je inoar ek wolris op 'e teannen.

LEO

Ik fyn it echt tige sympatyk fan jo. Sûnt mem ferstoarn is...

POKKELIJN

Respekt, dêr draait it allegear om. Respekt foar elkoar en respekt foar dyn âlders.

LEO

Ik sil it tige op priis stelle as jo by it houlik fan Marianne op 'e earste rige sitte.

POKKELIJN

Fansels sit ik op 'e earste rige.

LEO

Hoesa, fansels?

POKKELIJN

As je trouwe sit je doch op de earste rige?

LEO

Jo?

POKKELIJN

Ja. Ik.

LEO

Jo?

POKKELIJN

Wurdt it net tiid datst in gehoarapparaat krigest?

LEO

Jo? Trouwe? Mei Marianne? Ik trou mei Marianne.

POKKELIJN

Do hast ôfstân fan har dien.

LEO

Jo ha ôfstân fan har dien.

POKKELIJN

Dêr gean we wer. Do hast ôfstân fan har dien.

LEO

Jo ha ôfstân fan har dien. Ik sil noait, noait, noait ôfstân fan har dwaan.

POKKELIJN

Dat silsto wol, wol, wol dwaan.

LEO
Noait, noait, noait.

POKKELIJN
Gean hjir wei.

LEO
Graach.

POKKELIJN
Ik ferstjit dy.

LEO
Prima.

POKKELIJN
Ik ûnterf dy.

LEO
Do dochst mar.

POKKELIJN
O, wat krij ik dêr in pine búk fan. Ik moat, ik moat, ik moat.

(Hy ferdwynt wer achter de konifearen. Vlug hat it lêste stikje sjoen en komt no foar 't ljocht.)

Sêne 5

VLUG
Leo, is ie fuort?

LEO
Flip Vlug! Einlings.

VLUG
Wêr is er?

LEO
Op it húske. Ik hoopje dat er himsels trochlûkt.

VLUG
Ik ha byt.

LEO
Do hast byt?

VLUG
Soms tink ik ek dat jo ferlet hast fan in gehoarapparaat.

LEO

Wat bedoelst, byt? Doch net..?

VLUG

Yep. Bingo. De haadpriis. De pot. De poet. It grutkaptaal. Kom fluch, dan lit ik it jo sjen.

LEO

Wêr hast it fûn?

VLUG

Kenne jo de útdrukking 'jild stjonkt net'?

LEO

(Sjocht rjochting húske.) Wat? Dat mienst net...

VLUG

Jild stjonkt miskien net. Mar wol de plakken dêr'st it sykje moast.

POKKELIJN

(Raast boppe it lûd út fan in húske dat trochspielt.) O, NEEEEEE !!! O, NEEEEEE!!

LEO

We moatte hjir wei, Vlug. En flucht ek.

VLUG

Fluch dan. *(beide ôf)*

Sêne 6

(Pokkelijn stroffelet op, hat in pear lange, smoarge keukenwanten oan 'e hannen.)

POKKELIJN

Help! Help! Hellu-u-u-u-up! Plysje!

Hâldt de dief! Hâldt de dief! Hâldt de dief!

Myn muntsjes, myn briefkes, myn sintsjes.

Myn skatsjes, myn snoepkes, myn krintsjes.

Myn freontsjes en freondintsjes

Alles is fuort, fuort, fuort. Alles is oer, oer, oer en út, út, út. Ooh, ahh, au, au, au!

Dit docht sa ferskriklik sear. Ik kin net mear.

Ik ben ruïnearre, amputearre.

Myn earms, myn skonken binne fuort.

Gjin foet om dwers te setten, gjin poat om op te stean, hearre en sjen is my fergien. Help, help, help, dan doch. Ik fersûp, ferdrink, fergean. Wat is libjen sûnder jild? Ik tink net dat ik dat kin.

Wa hat dit dien? Wêr sit de dief, de bedrager, ferrieder, de krimineel. Ik fertink iderien.

Bist in Surinamer, Turk, Marokkaan of in Poal?

Op myn listje stiest boppe-oan. Komst út it bûtelân of bist swart? Fertocht, tige fertocht. Of bist amtner, in strak-yn-'t pak-krimineel of noch slimmer: manager?

Tige fertocht, wat sis ik: skuldich. Of sit it in 'e famylje? Dy binne it alderslimste.

Is it myn soan, myn dochter, it personiel? Bring se hjir. Underfreesje, bekenne, hjir mei dat jild en ôffiere. Lit se foar ivich weirotsje yn it gefang. Wie ik it sels miskien?

Kinst tsjintwurdich net ien mear fertrouwe... Iderien is fertocht. Útsein myn ferstoarne frou.

Mar fierder iderien. Dus... (*rjochting publyk*).

Jo dêr, jo wurde al wat ûnrêstich, ha jo it dien soms? Of do? Do sitst sa skuldbewust te sjen. En do, do wiest tsjûge. Do hast it allegear sjoen. Wêrom seist neat? En do dêr? Ja, ik sjoch wol datst fuortkrûpst achter de rêch fan in oar.

Do sietst ek yn it komplot. En do, lit dyn hannen es sjen. En dyn bûsen, wat sit der yn dyn bûsen? Wat sit der yn dy tas? Ik wol alles sjen. Alles. Gean mar stean. Allegear stean. Ik sil jimme ien foar ien fûllearje. Witst wat, klaai dy mar út. Allegear! Utklaaie! Jassen dêr, broeken en rokken dêr, ûnderguod yn 'e midden. Wa't net wol is it meast fertocht. Ik sjoch it oan jim gesicht. Allegear sa skuldbewust. En swije yn alle talen. Jou it mar ta. Jim ha it dien. En wa't it net dien hat, dy hie it graach dwaan wold. Jou it mar ta, Beken, beken, beken.

It is dy graaikultuer fan tsjintwurdich. Dy hat jim yn 'e macht.

Se neame my in frek, mar jim wolle ek wol graach alles ha. Iderien tinkt mar dat er oeral rjocht op hat en dat je alles foar niks krije kinne. Gratis wifi, gratis ynternet, gratis útkearing, gratis jild. Buorman hat it doch ek? Hy in dikke SUV, ik yn in dikkere SUV. It hiele libben is ien grutte útfërkeap. Alles moat fuort. Twa helje, moarn betelje. Allinnich mar sjen, mar keapje ho mar. Arbeidzje foar de kost is foar sukkels. Wa't tûk is pakt wat er pakken kin. Gripe, graaie, ynklauwe, jatte, pikke, pakke. En mar ritselje en regelje. Mantsje hjir, telefoantsje dêr. De iene hân wit net wat de oare docht, mar iderien stoppet elkoar wat ta. Stelle is de noarm. Mei it in ûnske mear wêze? In ûnske? Nee, ik wol in kilo, in gigabite, in terrabite.

Mar ik bin ruïnearre. Ik ha neat mear. Iderien pakt fan my, net ien hâldt fan my. Ik ha neat. Ik bin neat, want ik ha neat. (*Hy stoart gûlend del.*)

FIIFDE BEDRIUW

Sêne 1

(Ut it publyk komt in ynspekteur mei in reinjas oan, dy't nei foaren rint.)

YNSPEKTEUR

No. Wat is hjir it probleem?

POKKELIJN

Wêr komme jo ynienen wei?

YNSPEKTEUR

(Lit syn identifikaasje sjen.)

Plysj Noard Nederlân. Wat kinne wy foar jo dwaan?

POKKELIJN

Jo binne let.

YNSPEKTEUR

Let? Dat is te sizzen. Wy moatte binnen 7 minuten op it plak delikt wêze.

POKKELIJN

Te let. De misdied is al begien. De dief is útnaaid.

YNSPEKTEUR

Wy binne net ferantwurdlik foar jo hing- en slútwurk menear. Wat misse jo?

(Hy hellet in notysjeblokje út 'e bûse.)

POKKELIJN

Hûnderttûzen dukaten.

YNSPEKTEUR

Soa. Hoefolle is dat yn euro's?

POKKELIJN

In pear kear safolle.

YNSPEKTEUR

No, no. Dat is wat. En wie it yn weardepapieren of kontant jild?

POKKELIJN

Kontant.

YNSPEKTEUR

No no. En wêr bewarren jo dy somma?

POKKELIJN

Dat giet jo neat oan.

YNSPEKTEUR

As ik net ûndersyk dwaan kin op it plak delikt, dan hâldt it gau op, menear.

POKKELIJN

O. *(Hy sjocht skruten om him hinne en flústeret de ynspekteur wat yn it ear.)*

YNSPEKTEUR

Soa. Krekt. En hat dat model sa'n platootsje? Of is it ien dêr't it dalik nei ûnderen roetsjt, sil ik mar sizze?

POKKELIJN

Net sa'n nije, dy wol 'k net ha. In minsk wol doch even sjen wat er fabrisearre hat, of net.

YNSPEKTEUR

(skriuwt) Mei pla-too-tsje. Wol yn in plastic pûde, mei ik hoopje. Sei ik 'hoopje'?

(Pokkelijn stekt fjouwer fingers yn 'e loft, makket in fûst, strûpt de mouwe op, docht krekt oft er mei de earm ergens djip yn graaft, skoddet, lûkt en makket oare suggestieve gebearen wylst er de ynspekteur ûnfersteanbere wurden taflústeret.)

Ah, soa. Krekt. Ja, ja. Soa, soa.

(Wylst er der oandachtich nei heart, knypt en wriuwt er him ûnwillekeurich yn en ûnder de noas.)

POKKELIJN

No, wat tinke jo?

YNSPEKTEUR

Dit saakje stjonkt menear.

POKKELIJN

Mar wa is de dieder?

YNSPEKTEUR

Ha jo in fertochte op it each?

POKKELIJN

Ja, jo.

YNSPEKTEUR

Ik?

POKKELIJN

Soenen jo soms net hûnderttûzen dukaten ha wolle?

YNSPEKTEUR

Ja wa net?

POKKELIJN

Aha! Dus: fertocht. Arrestearje josels. Miskien spylje jo wol in dûbelrol.

YNSPEKTEUR

Net sa paranoia Pokkelijn. Ha jo in sinjalemint?

POKKELIJN

Ja. Ien mei in kop en in kont. Want hy wist derfan, it wie net in skytlak.

YNSPEKTEUR

Dat sjit net op. Sei ik 'shit'?

POKKELIJN

Ik bin doch net fan 'e plysje? De plysje moat dit oplosse, dêr betelje ik belesting foar. En graach binnen 24 oeren, oars tsjinje ik in klacht yn.

YNSPEKTEUR

No, no. Kalm oan menear. Ik sil yn dit ûndersyk in nije metoade tapasse. Dy ha'k koartlyn ergens sjoen. Docht it altyd. Earst rop ik it personiel byinoar. Dan ûnderfreesje ik de famylje, de buorlju, kollega's en goekunde. Dan begjin ik in bytsje te kombinearjen, redusearjen en dedusearjen. Dêrnei rop ik iderien byinoar yn de salon en jou in taljochting dy't sa skerpsinnich is dat net ien it folgje kin en úteinlik wiis ik de dieder oan.

POKKELIJN

En wa is de dieder?

YNSPEKTEUR

Dyjinge fan wa net ien it ferwachte hie.

POKKELIJN

Klinkt omslachtich. Wêrom net fuortdaalk oppakke en opslute? Mar goed, litte we begjinne mei it personiel. Evert!! Myn sekretaris, tige betrouber. Evert! Wêr sit iderien? Sjaak?!

Sêne 2

SJAAK

(Praat ien yn de kûlissen.)

Earst de hals útsnije, dan yn fjouweren diele, strûpe, yn repen snije en as lêste yn syn eigen sop gear siede litte.

POKKELIJN

Sjaak! Do hast de dief fûn!

SJAAK

Dief? Wat foar dief? Yt menear ek mei? Der is fleis genôch.

YNSPEKTEUR

Wat jo dogge kin ik net tastean. Mar ik yt graach in hapke mei.

POKKELIJN

Wêr is myn jild?

SJAAK

Ik ha gjin idee menear. Ik bin jo hynders oan it slachtsjen. Foar it diner fan jûn. Dat skeelt jo in protte jild. Mar ja dat kin ik net sjen litte.

POKKELIJN

Ik wol it sjen. It jild dat fan my stellen is. Wêr hast it?

YNSPEKTEUR

Mei ik hjir even myn wurk dwaan, ja? Tankewol. Wêr wienen jo op de tiid fan it misdriuw?

SJAAK

Hoe let wie dat?

POKKELIJN

Sân oere trije en tweintich.

SJAAK

Doe wie ik by de hynders.

YNSPEKTEUR

Ha jo in aliby?

SJAAK

Nee, allinnich hynstefleis.

YNSPEKTEUR

Binne der tsjûgen?

SJAAK

Nee, dy binne dea. Spitigernôch.

YNSPEKTEUR

Myn oprjochte dielnimming. Mar wie der oars ek noch ien?

SJAAK

Ja. Jan, Pyt en Klaas. En Klaske. De nul arbeiders.

POKKELIJN

Dat is doch wol de wierheid en oars neat as de wierheid, hê Sjaak?

YNSPEKTEUR

En dy sekretaris. Wêr wie dy?

SJAAK

Jawis menear. De sekretaris seinen jo? De sekretaris... Es even sjen.... Ja, no't jo it dêr oer ha... (*suggestyf*) Dy wie der net. Dy sei dat er ek even nei de merke gie, oaljekoeken ite mei de dames. Ik ha doe wol sjoen dat er fuort gie... Wêr seinen jo dat dat jild lei?

POKKELIJN

Yn it húske, hjirbûten.

SJAAK

Ja, ik ha 'm dêr yn 'e buert wol sjoen. Ik tocht noch: dy koe wol in dûbeltsje ferlern wêze.

YNSPEKTEUR

Dat is doch wol de wierheid?

SJAAK

De suvere wierheid. Menear kint my.

POKKELIJN

En hie er wat by him? Wêr'st jild yn dwaan kinst?

SJAAK

Jo bedoel in kistje?

POKKELIJN

Nee.

SJAAK

In koffer?

POKKELIJN

Nee.

SJAAK

In sek?

POKKELIJN

Nee.

SJAAK

In tas?

POKKELIJN

Ja, in plastic tas.

SJAAK

Absolut. Dêr bin 'k wis fan.

YNSPEKTEUR

En watfoar kleur hie dy plastic tas?

SJAAK

Watfoar kleur ek al wer? Es even sjen... Neffens my wie it... it like wol griis.

POKKELIJN

Net brún?

SJAAK

Dat koe ik net goed sjen, it ljocht foel der wat raar op. Dus it soe bêst griis-brún wêze kinne. Of brún griis. Neffens my wie it poepbrún.

POKKELIJN

Dat is 'm! Dat is myn jild! Skriuw op, skriuw op! Wa hie dat oait fan him tocht? Sa'n goudearlike jonge... Jo hienen gelyk ynspekteur, de minsken dêr't je it net fan ferwachtsje, binne de dieders.

YNSPEKTEUR

No, no... Litte we him earst es ûnder hannen nimme.

SJAAK

Se komme deroan. Dy komme raar thús fan 'e merke. As jo it net slim fine menear. Ik moat de byfstik noch bakke. (*Hastich ôf.*)

Sêne 3

(We hearre it lûd fan wrinzgjende hynders en in koets dy't stadichwei stil stiet. Fleurige stimmen. Dan komme Evert, Eveline, Marianne en Madame Jarretelle op. De froulju ha soerstokken en súkerspinnen yn 'e hân.)

POKKELIJN

Evert mei de koarte achternamme. Hjir komme! Dalik!

EVELINE

Wat is der te rêden?

POKKELIJN

Op 'e knibbels. Of ik slaan dy de kop derôf.

EVELINE

Heit! Wat dogge jo?!

POKKELIJN

Ik wit alles! Beken!

YNSPEKTEUR

Dit wurdt neat.

EVERT

Wat menear?

POKKELIJN

Wat? Do bist in dief. Ha ik dy net behannele as in soan? Ha ik dy net folslein myn fertrouwen skonken? Ha ik dy, foar myn dwaan, net in riant salaris betelle. En do, njirrebrod, huchelder, do hast my ferret en bestellen. Alles wat ik hie hasto my ôfnaam. Myn skat, myn siel, it ljocht yn myn eagen. De frucht fan myn libben. Alles wat myn âlde, kâlde hert noch ferwaarmje koe, hasto ynpikt.

EVERT

Ik beken menear.

POKKELIJN

Wat sei er?

EVELINE

Evert!

YNSPEKTEUR

(ferheard) Hy bekennt. Dizze metoade is nij foar my.

EVERT

Ik jou it ta, menear. Hjoed of moarn wienen jo der doch achterkaam. Mar ik die it út leafde.

POKKELIJN

Begearichheid silst bedoele. *(tsjin de ynspekteur)* Skriuw op: ferdachte bekend.

EVERT

Dat binne jo wurden. Ik neam it leafde. Wy hearre byelkoar, jo dierberste besit en ik. Sy is foar my it heechste en it moaiste op ierde. Ik sil har koesterje, beminne en op hannen drage. Skink har oan my, ik smeeke jo.

POKKELIJN

Hear ik it goed? Earst wurd ik bestellen en dêrnei mei ik it kado jaan? Yn watfoar wrâld libje wy?

YNSPEKTEUR

Myn metoade wie doch better.

EVELINE

Toe heit asjeblyft, sis doch ja.

POKKELIJN

Wat? Sit sy ek yn it komplot? *(tsjin de ynspekteur)* Jo ha alwer gelyk.

EVERT

Letter sille der lytse Pokkelijntsjes komme en dy sille...

EVELINE

... hynderke ride by jo op 'e knibbel.

EVERT

.. en fleur bringe op jo âlde dei.

POKKELIJN

Sit ik no yn it gekkehûs of sy?

YNSPEKTEUR

De misdied fan dy beide leit oars as dat jo tinke.

POKKELIJN

Hy hat bekend!

YNSPEKTEUR

Hjir is sprake fan in 'crime passionel'.

POKKELIJN

Hy hat my bestellen.

EVERT

Wa bewear dat ik jo bestellen ha?

(Sjaak komt op mei skalen of in trolley mei in grut tal noch rikjende, swart ferbaarnde

byfstikken.)

SJAAK
Oan ta-fel!!

POKKELIJN
Hy dêr.

MADAME JARRETELLE
Menear Pokkelijn. Lit dy beide doch gean. Dat houlik mei dy âld fint wie neat wurdich. Jo moatte leare om los te litten.

POKKELIJN
Loslitte? Ik lit niks los. Ik wol myn jild werom ha.

Sêne 4

(Twa doarren geane iepen en ynienen stiet dêr, as in god, de hear Armani. Hy hat in waarm, sympatyk, mar perfekt oansjen, kreas fersoarge griis hier en dito snor, borsalino, de brune jas los oer de skouders, learen skuon, sjaal, dasspjelde, in blom yn it knoopsgat. Hy stiet stil yn it folle ljocht.)

ARMANI
Bin ik op tiid foar it diner? *(freonlik)* Hienen jo it oer my, mefrou?

POKKELIJN
Ah, menear Armani. Ik bin bliid dat jo der binne. En djip tryst. Foar jo stiet de ûngelokkichste man op 'e wrâld en foar my stiet de op ien-nei ûngelokkichste man op 'e wrâld.

ARMANI
Safolle ûnheil op ús âlde dei? Wat is der te rêden, beste man?

POKKELIJN
Hjir stiet Job sels. Ecce homo. Berôve fan myn jild, belazere troch myn dochter en besoademitere troch dizze achterbakse dief. Hjir stiet in earme, beroaide widner, sûnder respekt, sûnder leafde en sûnder jild.

EVERT
Hy liicht, dy feint fan jo.

POKKELIJN
Moast hearre wa't it seit. Hy hat bekend, it stiet notearre.

ARMANI
En hokker ramp hat my troffen?

POKKELIJN
Hjir is it famke dat mei jo trouwe soe. Mar troch dat serpint dêr *(Wiist nei Madame Jarretelle.)* ha dy beide harren fannemiddei stikem ferloofd. As ik jo wie, soe 'k dizze smearlap hjir, dy dief, ferfolgje litte fanwege smaad.

ARMANI

Jo dochter is jonger as ik tocht. Sy soe ien fan myn bern wêze kinne, want ik ha ek bern fan dy leeftyd hân. Ik wol har gelok net yn 'e wei stean. As sy har hert oan him jûn hat, dan meitsje ik frijwillich plak foar him.

(Iderien applaudisearret beskaafd.)

POKKELIJN

Mar hy is in oplichter, in bedrager. Mei falske ferlechjes is hy hjir binnen krong yn dit hûs. Allinnich om har te ferlieden en my nei de mûle te praten.

EVELINE

Heit, Evert hat my rêden yn it swimbad. Fan dat momint ôf binne wy fereale.

EVERT

Ik ha dingen sein, dy't... net altyd hielendal wier wienen. Mar ik ha jo dochter noait bedragen. En jo taaste my oan yn myn ear en goede namme as jo bewoare dat ik jo bestellen ha.

POKKELIJN

Moast no ris hearre, wat in kâlde kak. 'Myn ear en goede namme.' Dat sizze al dy bûtelânske oplichters. Do bist hjir al wit ik hoelang oan 't wurk en ik ken dyn achternamme net iens en ik wit ek net wêr'st weikomst.

YNSPEKTEUR

Wêr komst wei en wat is dyn namme, Evert?

EVERT

Myn naam is Evert van Efteling en ik kom út Kaatsheuvel.

MARIANNE

Efteling?

ARMANI

Kaatsheuvel? Ik ried dy oan om dat hjir en no te bewizen, jongeman. Oars sleep ik dy likegoed noch foar de rjochter.

(Fan dit momint ôf prate Armani, Evert en Marianne ynienen mei in sterk Brabâns aksint.)

EVERT

De namme fan ús heit wie folút Jonkhear Efteling fan Kaatsheuvel toe Kaantjes. Hy wie kommissaris fan de keninginne fan in grut, mearke-eflich park, dat ik fierder net by namme neame sil. Dêr wennen wy, ús heit en mem, ik en myn jongere suske, as in gelokkige model-húshâlding yn Villa Volta. Mar op in dei beskuldige in binde bokkige oandielhâlders ús heit derfan dat er in bonus wytvosken hawwe soe, dy't sy sels graach ha woenen. As ik it goed ha. Us gelokkige libbentsje feroare yn in achtbaan en wy kamen yn in spoekhûs fan ynsinuaasjes telâne. Flechtsje wie de iennige mooglikheid. Dus naaiden wy út mei it skip 'de Vliegende Hollander'.

POKKELIJN

Wat kinne my dy mearkes skele. Ik wol myn jild.

(Iderien, behalve Evert en Armani dogge: 'Ssst!')

EVERT

We doarmen oer de seeën fan de wrâld en foeren lâns tropyske kusten. Mar op in dei stuts der in wylde stoarm op en it skip fergie. Ik ha sjoen hoe't ús mem en myn suske, mei har reade skuontsjes, harren krampeftich fêsthâlden oan in boatsje dat lek wie, wylst ús heit yn 'e rûnte draaide op it stjoerrêd. Dêrnei seach ik dat se yn de weagen ferdwûnen. Der waard mar ien rêden en dat wie in jonkje fan sân jier: ik. Noch net sa lang lyn hearde ik dat ús heit noch yn libben wêze soe en kleanmakker yn Milaan wurden wie. Doe, op in waarme dei, moete ik Eveline.

ARMANI

Miskien hast dit ferhaal wol fan ien heard. Wa bewiist my datsto de soan bist fan jonkhear Efteling fan Kaatsheuvel toe Kaantjes?

EVERT

Dat is in bytsje pynlik.

MARIANNE

(hoopfol) Ja? Ja?

EVERT

Doe't ik as jonkje by ús heit op 'e stange fan 'e fyts siet, krigen we in lyts ûngelokje doe't heit wat bryk oer in ferkearsdrompel fytste. Sûnt dy tiid mis ik de rjochter siedbal.

(Sûnder elkoar oan te sjen, knikke Eveline en Marianne heftich fan ja. Armani docht de earms wiid, mar Marianne fljocht op Evert ta.)

ARMANI

Jonge... !

MARIANNE

Evert! Einlings ha 'k myn grutte broer werom!

IDERIEN *(behalve Pokkelijn)*

Wat!?

POKKELIJN

Mei ik ek even wat sizze? Leuk en aardich, mar fan wa is dit ferhaal eins?

(Net ien reagearret.)

MARIANNE

Wol hûndert kear hat ús mem dit ferhaal ferteld. Sy wie der wis fan dat allinnich wy dat ûngemak oerlibbe hienen en soms woe se dat sy it ek net oerlibbe hie. Wy spielden hûnderten kilometers fierder oan op in frjemde kust en waarden finzen naam as slaven. Dei en nacht moast ús mem it piraten nei't sin meitsje, oant wy ûntsnappe koenen nei Lampedusa en úteinlik hjir yn Fryslân yn in asylsikerssintrum telâne kamen. Jierrenlang moasten wy wachtsje en wy ferfeelden ús ôfgrysliek.

POKKELIJN

Hjir komme de minsken doch net foar? *(tsjin it publyk)* As ik jo wie soe ik myn jild werom freegje.

ARMANI

Bern, kom hjir. Hjir stiet jim heit, jonkhear Efteling fan Kaatsheuvel toe Kaantjes.

POKKELIJN

It is net te leauwen. Hoe let is it?

YNSPEKTEUR

Ik kom der ek net tusken.

ARMANI

Ik ha altyd tocht dat jim dea wienen. Om oan myn efterfolgers te ûntkommen, ha 'k krekt dien oft ik in Italjaanske kleanmakker wie. Myn libben wie raffele en skuord, mar ik ha ôfgrysliek hurd wurke en sa wist ik in fermogen te fertsjinjen as makelder yn maatpakken en no komt alles doch noch goed.

EVERT en MARIANNE

Heity!

(Yntiid ha Sjaak, Pyt, Klaas en Klaske cocktail glêzen útdield. Iderien is fleurich en heft it glês, behalve Pokkelijn.)

POKKELIJN

Behalve dan dat ik noch hieltyd myn jild net ha. Is hy jo soan? Dan tsjinje ik by jo de rekken yn fanwege it ûntfytmanjen fan my kapitaal. It liket derop dat jo dêr ûnderfining mei ha. *(Hellet in stik papier út 'e bûse.)* En dan mei jo dochter dêr even in krúske sette. Want belofte makket skuld en skulden moatte betelle wurde.

Sêne 5

(Opnij swaaie de doarren iepen en dêr stiet Leo, dy't ek al sa'n fantastyske outfit oan hat. Op in heger plak sit Flip Vlug, dy't in soarte fan angel beethâldt mei in elastyk deroan. Dêrûnder bingelt in brune plastic pûde, dy't beljochte wurdt troch in folchspot.)

LEO

Hjir is jo jild, heit!

POKKELIJN

Myn jild, myn leave jild. O, wat wurdt ik hjir geil fan. Hasto it fûn bêste jonge?

LEO

Ja, litte wy dat mar sizze. Hy *(wiist nei Flip Vlug)* hie it stellen en doe ha ik it earlik fûn. *(Vlug laket. Hy lit de tas oan it elastyk hinne en wer bongelje, mar Pokkelijn kin der hieltyd krekt net by.)*

POKKELIJN

Jou hjir, rotjonge. Jou hjir!

(Iderien laket – behalve de ynspekteur – as it Pokkelijn mar net slagget om de tas te

pakken.)

LEO

Wolle jo jo jild werom ha, heit? No dat kin wol, hear. Der is allinnich in lytse betingst oan ferbûn.

(Pokkelijn dûnset yn 'e rûnte en komt tafallich flakby Marianne terjochte. Se slacht de eagen del.)

POKKELIJN

Wat dan?

LEO

No wat tochten jo? As ik Marianne krij, krije jo jo jild werom.

POKKELIJN

(Hy stiet flakby har, soe har oanreitsje wolle, mar doart it net. Se sjogge inoar oan.)

Ik woe allinne mar....

(Marianne faget in trien fan syn gesicht. Nei in skoftsje draait er him ôf.)

Goed.

(Marianne rint nei Leo. De oaren rinne ek by Pokkelijn wei.)

LEO

Sjoch es nei it fûgeltsje.

(Pokkelijn sjocht even omheech. As Leo mei de fingers knipt, lit Flip Vlug de tas fan grutte hichte nei ûnderen falle. Pokkelijn docht gjin muoite om 'm op te fangen. De tas skuort iepen en it jild rollet alle kanten út. Sjaak dy't by de doar stiet, sjocht dernei. De oaren geane stadich en laitsjend ôf.

Pokkelijn sakket yninoar, mei de rêch nei it publyk. Hy sit yn in bulte jild, mar komt der net oan. Hy docht de earms krúslings foar it boarst en streaket mei de fingers syn rêch en skouder. Tsjuster.)

E I N